

Henk Wolf

Youmir, soan fan in túnslang

1.

It is aardich lang lyn. It is sels tige lang lyn. It is sa lang lyn dat men net ferwachtsje soe dat mei wissichheid te sizzen is oft it wol wier bard is. Sokke âlde ferhalen binne nei har aard ûnbetrouber. Krekt sa't de lju te Wundrum de toer fan Boudgem inkeld mar koenen út de ferhalen fan pake Dopma, dy't him yn syn jeugd sjoen hie. Heger en heger waard er as de Wundrumers inoar deroer fertelden, en wat âlder oft Wundrum waard, wat tichter kaam de Boudgemer toer by de himel. Doe't pake Dopma stoar, woenen de Wundrumers him by de toer fan Boudgem te hôf bringe. Manmachtich setten se dat út nei it fiere doarp Boudgem. Doe't se dêr nei dagen oankamen, troffen se der in toer oan dy't persys fyftjin meter heech wie en helendal efter de beammen weiwaard.

Mar, ta de saak. Wy hienen it oer in skiednis dy't him lang lyn ôfspile hat. It is ien fan dy seldsume âlde skiednissen dêr't ik alle details fan wit. Lit my dy it wiere ferhaal fan Youmir fertelle.

It wie yn it jier 4 fan ús jiertelling dat te Bie yn it lân Ie in jonkje berne waard. Men kin him yn syn letter libben in soad oanrekkenje, mar oan syn berte hied er sels gjin skuld. Syn mem wie swier en op sok swierwêzen folget no ienris in kream. It swierwêzen wie begûn mei in koarte relaasje tusken syn mem en in gelde túnslang dy't se Jûchewûche neamde.

De lytse Youmir, sa die al gau bliken, wie mei twa ferfelende krupsjes oanhelle. De earste wie in wetterholle dy't elkenien fuort yn it sin brocht wa't syn heit wie. De twadde wie in bûtenwenstige waanwizens.

De measte froulju út Bie wienen wei fan it beukerke Youmir, mei syn skattige grutte holle. Youmir hie it praten rap ûnder de slach, en tsjottere yn alles mei de froulju mei. Fral as se him fertelden hoe skattich oft er wie, utere er syn mestimmen yn prachtige folsinnen. Syn kammeraatsjes wienen wat bang fan him en dienen meastal syn sin by it boartsjen. Youmir woe hast altyd itselde spultsje dwaan. Hy wie dan petûltsjes de kening en as er foar de oare beukers delrûn, moesten dy djip foar him bûge en 'majesteit' preuvelje. En as ien dat net fluch genôch die, dan moesten de oare beukers him mei har lytse fûstjes ôftichelje. Doe't de memmen fan de kammeraatsjes dat yn 'e rekken krigen, wie Youmir net mear sa'n skattich jonkje en waarden de kammeraatsjes by Youmir weiholden.

Doe't er seis jier waard, stjoerde syn mem Youmir nei skoalle, in ynstitút dat yn it jier 10 yn Ie al tige gewoan wie. Nimmen kin sizze dat er in minne learling wie. As ien fan de earsten koed er syn namme skriuwe. Syn eigenwaan skimere yn de lessen oeral trochhinne. It makke net út wat de ûnderwizer besocht, Youmir skreau steefêst 'Ik' ynsteef fan 'ik', en 'My' ynsteef fan 'my', en de wurden 'do' en 'dy' skreau er alhelendal nea. Hy skreau al 'You' en 'mir', mar dan oaninoar fêst, en dat skriuwen koe net as Ingelsk en Dútsk bedoeld west ha, want dy talen bestienen yn Youmir syn tiid noch net. Youmir wie net sterk, mar hy hie de grutste mûle fan de hele skoalle. Hy fielde him gâns mear as de oare learlingen en mocht benammen de swakken ûnder harren graach narje. Soms gong it dêrby mâl. Bygelyks yn it gefal fan Joddes, in guodlike boeresoan, net al te tûk en dêrom faak it slachtoffer fan lêbige praatsjes. Joddes hie soks lykwols net yn 'e rekken en

it kaam foar dat Youmir en syn maten har fermakken mei rabberij oer Joddes en dat dy der dan by kaam te stean en fleurichop in praatsje oer it húswurk begûn.

Youmir krige aloan mear argewaasje fan dy goedhinne oele fan in Joddes, dat hy besleat dat er him mar kwytwurde moest. Hy krige in stôk, ferskûle him efter de skuorre op it hiem fan Joddes syn âlden en wachte oant dy him fertoane soe. Al gau hearde er lichte bernefuotstappen. Hy bleau yn spanning stean oant se flakby wienen, sprong doe foar it ljocht en sloech de stôk mei krêft del. Doe stie er wat feralterearre te sjen nei wat er bewurkmastere hie. It lytse suske fan Joddes siet foar him op 'e grûn en begûn lûd te gûlen. Om har hinne leinen diggels fan in grutte skaal en brette hinnepoatsjes op it sân fersille.

Youmir stie dêr noch doe't Joddes de hoeke om kaam. Hy hie krekt te trenen west foar de jierlikse meloenplôkerskriich. Hy stoartele it paadsje del en seach syn suske mank de stikken panpyk op 'e grûn sitten.

'Wat is hjir te rêden?' frege er kjel. Doe seach er Youmir mei in grouwe stôk yn 'e hannen. Syn traach en guodlik brein begûn te meallen en op it lêst kaam er ta de konklúzje dat Youmir grif syn suske ret hie fan de gemiene hinnepoatedief. Allinnich, wêrom ûnderhelle Youmir no dy stôk?

De earste klap skodde Joddes goed wekker. Lang om let hied er yn 'e gaten wat foar jonkje oft Youmir wie. Hy toarke syn rjappelsekstal op de oar syn ribbekast, dat se tegearre omtommelen. Dronken fan liikens en in mingelmannich pompoenwyn timmere er op syn klasgenoat los.

'Hjirre!'

'En hjirre!'

'En dizze is foar myn suske!'

'Dat is ferdoarje it lêste jûnsmiel datst oer de grûn slaan silste!'

'En noch ien!'

De ein fan it sankje wie dat Youmir heal yn 'e sûs yn syn eigen lichemsfochten dreau en dat Joddes syn liikens saksearre wie.

'Eh ... Youmir?'

'Kroan.'

'It spyt my, Youmir. Hoe is it mei dy?'

'Reuh ...'

Oan it stinnen fan Youmir koe Joddes kop noch sturt ûnderskiede en hy wist net wat er no moest, dêrom woed er syn heit der earst mar by helje. Hy sette op it hûs ta.

'Joddes ...'

Ferromme seach Joddes efterom. Youmir wie alwer heal oerein kaam en syn eagen fûnkelen woest.

'Ik krij dy noch wol, Joddes. En dat serpint fan in suske fan dy libbet ek net lang mear!'

Krekt op dat stuit kamen Joddes syn heit en syn bruorke de hoeke om. Heit hie him al in pear kear ôffrege wêr't syn jûnsiten sa lang bleau en soe de hichte mar ris helje. Youmir syn lêste útspraak krige er noch mei en doe't er syn âldste bern ferwûne en mei skuorde klean, en syn jongste skriemend op 'e grûn sitten seach, waard er dûm. Hy krige Youmir by in ear en sleepte him yn ien beweging mei de skuorre yn. Yn Joddes en syn broer en suske wie ek wat knapt. Fjouweresom foelen se oer Youmir gear, skuorden him de broek fan 'e kont en hongen him op oan syn krús. Youmir syn geraas wie milen fierderop te hearren.

Doe't se in pear dagen letter yn 'e skuorre kamen, wat kalmer en fersoenerliker, wie Youmir fuort. Alleast, hast. Op trije meter hichte bongeale oan in ein tou noch in lyts stikje Youmir.

At je ta oansjen komme woenen, moesten je yn Ie al in fikse sydsulver ha, en om it houlik te konsumearjen meie guon dingen net oan it manljusliif ûntbrekke. Dat, de measte diskjes op 'e arbeidsmerk leinen bûten Youmir syn berik en der bleau him alsa neat oars oer as mar geastlike te wurden. Foar dy funksje wie it eunuch wêzen in betingst, om't de begearte ta in tsjep jongfaam it manfolk tefolle fan syn tsjinstberheid oan it hegere ôfhâldt. Yn 'e buert fan 'e seminarys wienen dêrom saneamde snijhuzen, dêr't betûfte snijmasters har feardich mei it putsje retten en dêr't de strjtkatten snútslikjend yn 'e finsterbanken sieten. De narkoaze kaam yn Youmir syn dagen noch by de sliter wei, dat je moasten al in geweldigen ropping ha om frijwillich geastlike te wurden. Heel wat seminaristen hienen nei in moeting mei in dûme hûn of nei spul mei in ferdivedaasjefamke harren stúdzje keazen. Youmir die it ek mei tsjinnichheid. De krúswûnen dienen noch allemachtige sear en hy hie almeast in sin as in âld baarch mei in mich yn it noastergat. Aldergeloks hied er fuort oansluting by syn lotgenoaten, dy't ûnder beslach kamen fan syn wetterholle. Op in kear frege ien him dernei:

'Hoe is dat no einliks sa kaam, broeder Youmir?'

En Youmir ferhelle fan syn komôf. En de oaren harken. En se twivelen oan de wierheid fan syn ferhaal. En hy klaude yn syn krús. En sy seagen dat. En sy fielden mei him mei, dat in weach fan pine troch harren hinne jage. En dat fûnen sy net noflik. En sy woenen dat net nochris meimeitsje. En Youmir seach harren pine en wiet dy oan harren twivel. En sy wienen bang wurden om te twiveljen. En sy leauden Youmir. En sa kaam Youmir oan syn oanhingers.

2.

Op in dei organisearre de hegepreester fan it lân Ie in spultsjemiddei foar de studinten. Youmir en syn meistudinten dienen ek mei. Se soenen ferskûlboartsje en Youmir moest sykje. Youmir hie der einliks net safolle nocht oan, mar skikte him út eangst foar de hegepreester. Dy hie krekt noch in ûnwillige studint sa lang mei it gesicht yn 'e blabze treaun dat er benei smoard wie. Hy lei noch oarnsje yn stûpen ta himsels te kommen. Wylst wosk de hegepreester him de blabze fan 'e hannen.

Youmir wist de oaren fluch te finen en doe kaam in oare eunuch, Joub, oan bar. It duorre ek net lang ear't er de oaren fûn hie. By einsluten miste er allinnich Youmir noch.

In oere as wat letter rôp de hegepreester alle studinten by him om de spultsjemiddei feestlik ôf te sluten. Se kamen allegear byinoar op it plein foar de preesterskoalle. Allinnich Youmir wie der net by.

'Do hast it wûn, Youmir,' rôp Joub. 'Kom der no mar by.' Mar Youmir kaam net. Hy wie fuort en bleau fuort. Sels doe't de hegepreester alle studinten oan it sykjen sette, kaam Youmir net boppe wetter. Se sochten yn beammen, yn markes, yn in takseboarch, yn holle beammen, mar Youmir waard net weromfûn. De studinten lústeren inoar ta dat Youmir grif útpykt wie. De hegepreester waard aloan lilker. In moai gesicht wie dat net. Kinst dy in foarstelling meitsje fan in stik fleis fan, sis, twahûndert pûn, pears bemantele, read en switterich en snuwend, mei barge-eachjes, in ferstienne hillige glimk en fierder de wreedste trekken dy't in minsken ea

sjoen hat? Tink dêr dan noch it lûd as in skuorde trompet en de lucht fan in hok fol droegjende murdefeltsjes by en do krijst wat in yndruk fan wat de preesterstudinten yn de ieu fan Tiberius trochstean moesten.

It woe de bewûnderders fan Youmir net oan dat dy de wyk spile hie. Se wisten dat er it mier hie oan skoalle, en benammen oan de hegepreester. Dat hienen se sels ek. Mar dat er syn hillige ropping net folgje soe, dat woenen se net leauwe. Youmir hie altyd o sa fûl west as minsken har troch wrâldske saken fan It Wiere Leauwe ôfbringe lieten. Nee, Youmir en útnaaie, dat paste net byinoar. Der wie him grif wat oerkaam. Se moesten fierder sykje.

Youmir syn bewûnderders hienen de moed ferlern. Ien fan harren, in Rilck, hie in stik stof fan Youmir syn jûpe fûn oan in twiich, tichte by it marke. Hy moest ferdronken wêze. De hegepreester rûn noch heelyd snuwend as in bolle middenmank de studinten om. Hy leaude net dat Youmir fersûpt wie. It marke wie nearne djipper as oardel meter. De skare woe der neat fan hearre. Dy treure om Youmir en dat makke de hegepreester noch folle razender.

'As Youmir al dea is, dan is dat net slim. Dan is er by de goaden en drinkt fan harren bêste wyn!' rôp er.

'Nee,' snokte de skare.

Sa ferheard hienen se de hegepreester noch nea sjoen. Nee? Wat nee?

'Youmir wie sels in god,' rôpen se. 'Net samar in god, mar de iennichste echte. Dy oare binne mar suertsjes, dêr hat Youmir mei ôfweefd.'

De hegepreester ferslokke him. Hymjend en prûstend socht er stipe tsjin in muorre. No't er net mear sa driigjend oerkaam, doarst ien fan 'e studinten, Pyt, it oan om it wurd te nimmen:

'Youmir is de iennichste god. Wy witte it. Hy hat ús it Ivich Libben beloofd. Us, syn trouwe oanhingers. En jo, jo sille baarne yn Haisle.'

Haisle, dêr hie de hegepreester noch nea fan heard. Hy leaude foarfêst dat er op 'e ien as oare manier de grime fan 'e goaden oer him ôfroppen hie, dat se har sa manmachtich tsjin him kearden. Al syn preesterstudinten wienen fan it Hillige Leauwe ôffallen en stienen hjirre apekoal te ferkeapjen. Ut wanhope beloofde de hegepreester dat er in jier lang fêstje en it oersparre iten oan de goaden offerje soe, as se dizze waansin mar ophâlde lieten.

'Youmir hat derfoar soargje dat wy ivich libje sille. Hy hat syn eigen libben opoffere foar ús Ivich Libben!' rôp Pyt.

'Och, hâld dy doch de harsens,' gûlde de hegepreester.

Lang om let gong elk syn eigen paad. It begûn te reinen en dan falt elke teologyske diskusje yn it wetter. Youmir syn bewûnderders lutsen har werom yn in grutte skuorre en bepraten wat se no dwaan moesten. Pyt hie him yn in spesjaal roukostúm stutsen. Mei in lytse puntmûtse op 'e holle en in skieppeflues stiif mei riemen om hinne bûn spruts er de oaren ta:

'Youmir hat ús it Ivich Libben beloofd. Hy sil wurd hâlde. Youmir boppe!'

'Youmir boppe!' klonk it yn koar.

Mar hoe no fierder? De preesterstudinten hoegden der net mear op te rekkenjen dat se wolkom wienen op skoalle. Ynkommen hienen se net en in jier fêstje, lykas de hegepreester fan doel wie, dat like har ek net sa'n aardich foarútsjoch ta, al wienen se dan ek ûnsterflik. Se moesten in nije breawinning sykje. It probleem wie allinnich dat se neat koenen, no ja op preekje nei dan.

'Lit ús nei in doarp fierderop ta gean en dêr fertelle dat Youmir de iennichste god is!' rôp ien. 'Wa wit jouwe de minsken ús as preesters wat te iten.'

Dêr wie elkenien it mei iens, dat sa kaam it. De preken dienen lykwols net folle fertuten. De minsken seagen de skare wat begrutlik oan, benammen Pyt yn syn singelier pakje klean. Ut en troch smieten guon harren in muntstikje ta. Nei in pear oere hienen se krekt genôch foar in potsje bier foar elkenien. Dat, se teagen nei de herberch.

Drok pratend kamen se deryn. De broer fan Joddes, dy't mei in frommeske oan 'e pompoenwyn siet, seach wat brimstich nei de kliber op. Se joegen har op in bankje del dêr't al ien op siet, dy't mei de holle op 'e tafel lei te sliepen. Wat nitelich treau Pyt de sûplap fan it bankje ôf. Doe skuorden se allegear grutte eagen op.

Nei't se allegear wer wat ta harsels kaam wienen, naam Pyt it wurd. Hy stammere: 'Ik tocht dat jo dea wienen ...'

Youmir, want dy wie it fansels dy't Pyt fan it bankje treaun hie, siet al in moai skoft yn de herberch. Wylst elkenien diger oan it omsneupen wie, hied er syn pakje klean op 'e holle bûn en wied er it marke oerswommen. Doe hied er it paad nei de herberch naam en himsels traktearre op in pear pilskes. Wylst wied er út it praat fan 'e oare gasten yn 'e jachtweide al it ien en oer fan de ferhalen gewaarwurden dy't syn bewûnderders oer him fertelden. Hy hie der dus wol sawat in idee fan wêr't se it oer hienen doe't se seinen dat er dea wie.

'Ik bin ek dea,' seid er dêrom. 'Mar ik bin nochris weromkaam om jim it Ivich Libben te jaan. En om de wierheid te fertellen.' Fol fan it omtinken dat er krige fantasearre Youmir fierder. Syn heit hie Haisle skepen, sa't er harren al earder fernijd hie. En no hied er Youmir ta him roppen om Haisle te bestjoeren.

'Jim heit? Dy túnslang?' frege ien ferheard.

'Neehee,' hakkele Youmir, en hy socht wanhopich om in útlis.

'Nee, eh ... dat wie fansels net myn echte heit.'

Hy gong folslein foarby oan it fysike bewiis fan 'e sibskip. Joub wie de iennichste dy't it oandoarst om dat op te merken, uteraard yn it folste betrouwen dat Youmir der in ferklearring foar jaan koe.

'Mar Youmir, dy wetterholle fan dy, wêr komt dy dan wei?'

Fansels fielde dat er yn 'e knipe kaam te sitten. Hy woe Joub mei útset lûd op syn ûnleauwigens fergje, mar op it lêste stuit betocht er wat betters.

'Eh, ús heit is in god dy't eh it stal fan in túnslang oannimme kin.'

'In god?' rôp Joub fernuvere. 'Jo binne doch de iennichste god?'

Ai ai, ik kom heeltyd djipper yn 'e problemen troch dy smoarge Joub, tocht Youmir. Tagelyk betocht er him dat as er net gau in oannimlike útlis joech, dat de skare him wolris tsjin him keare koe. Hjir siet in tafel fol mei eunuchen dy't er derta brocht hie om harren takomstich preesterlean oer te jaan. At blike soe dat dat om 'e nocht west hie, dan wie der alle kâns dat er net sûnder klearskuorren foarwei kaam.

'Ja,' rôp er. 'Us heit en ik binne ien. Hy hat himsels yn my dupli... eh ferdûbele.'

'Dan binne der dus trije fan jo?' frege Joub, dy't tocht oan it ferdronken lichem yn it marke. Youmir waard slim benaud. Dan mar alles of neat, tocht er.

'Wat, do ûnleauwige! Leausto net dat ik as god alles kin? Ik ha alle goaden fan de hillige berch ferdreaun, Ik! Ik ha jim it Ivich Libben jûn, Ik! En jim leauwe my net? O wee, as jim ...'

Foar't Youmir in straf betinke kind hie foar dejingen dy't him net leauden, foel Joub op 'e knibbels foar him.

'It spyt my, Youmir, ferjou my,' skriemde er. Hy klamme him oan Youmir syn skonken fêst. 'Ferjou my!'

Youmir kaam oerein, skopte Joub fansiden en rûn nei de doar ta. Hy hie lykwols net mei de waard rekkene. Dy hie al in skoftlang in skalk each op dy drinkebroer mei syn geraas en hy eane dat dat in trúk wie om sûnder te beteljen út te piken. Gau postuere er him tusken Youmir en de doar.

'Ferjitte wy net te beteljen, heite?'

Fansels net, tocht Youmir. Ik ha gjin jild, mar dat kin ik dy net oan 'e noas hingje. Myn bewûnderders binne wol grutte sûgen, mar in god dy't him oan 'e ôfwask sette lit om't er de kroechrekken net betelje kin, dat sil sels by harren twivel oproppe. Dêrom begûn er te razen fan 'Ik bin de iennichste god en dit is blasfemy,' en sokke dingen mear. Dat wie genôch foar de skare om syn hear by te springen yn de striid. Mar de waard wie net sa gau bang en boppedat hied er in grutte fleisfoarke yn 'e hân. De preesterstudinten, dêrfoaroer, wienen derfan oertsjûge dat se ûnsterflik wienen. Youmir krige dat justjes te let foar it begryp en seach fol skrik hoe't de waard mei de foarke úthelle nei Mouryak, fierwei de domste fan it ploechje. Mouryak rûn rjocht op 'e skombekjende kastlein ôf en sprong mei it boarst foarút yn de foarke. Hy wie ferbjustere doe't er fielde hoe't de tinen troch syn longen boarren. Mei in ferhearde útdrukking op it gesicht sloech er tsjin 'e grûn. Hy lei noch efkes te ruteljen en gong doe beskiedenlik dea.

De waard waard kjel doe't er seach wat er oanrjochte hie. Fol wearze stoarre er nei it lyk op 'e planken. Doe draafde er hurd fuort, de klanten efternei, dy't al útnaaid wienen doe't se de fleisfoarke sjoen hienen. Youmir seach de ferheistere skare foar him oer stean. No kaam it derop oan. At er net gau wat betocht, lei er aansen njonken dy stumper Mouryak. Hy joech him útinoar en ferkundige:

'Mouryak is nei Paisle. Yn Paisle sil er ivich libje.'

Youmir murk earst net dat er it wurd ferkeard útsprutsen hie. Paisle, Haisle, hy moest syn útfynsels op papier sette en fan bûten leare ear't der dingen misrûnen.

'Eh ... Paisle is net itselde as Haisle. Yn Haisle is it dus eh hyt en je sille der ivich baarne. Mar ús heit hat ek Paisle makke en dêr is it skitterjend moai.'

De machtsdriuw fan Youmir tsjinne him wer oan. Hy ferfette op lûde toan: 'Mouryak is nei Paisle. Paisle is in wûndermoai lân. Der eh is hearlike wyn en sawathinne ...'

De skare stoarte him op Youmir. Se namen him op 'e skouders en loven syn namme, oerenlang. Foarearst wied er ret.

3.

In dei nei't er op wûnderbaarlike wize weromkaam wie út Paisle, hie Youmir oankundige dat er dêr ringen wer hinne soe. Hy hie der swier moed op dat de oare seminaristen lang yn 'e oertsjûging bliuwe soenen dat er de iennichste god wie. Dat, doe't de seminaristen meiïnoar te bier gongen, glûpte Youmir ûngemurken in steechje yn, dêr't er him de rest fan 'e dei beskûl hold. Dy nachts sette er ôf. Oan it lêst ta wied er yn syn rol bleaun. Hy hied er dy moarns noch tige op oanstien dat de skare oan de wrâld te witten dwaan soe dat hy de iennichste god wie. Wa't him net tefreden

stimde mei genôch offerjeften, soe it Ivich Libben yn Paisle wol ferjitte kinne. Dy soe streekrjocht nei Haisle gean en dêr oerstadich troch it fjoer fertard wurde. Syn siel soe skeind en ruotterich oer de ferlitten goadeberch doarmje moatte, dat fansels minder noflik wie. It wie dêrom better dat elk wist dat er der goed oan die om Youmir wat op 'e lije side oan te kommen.

Youmir syn bewûnderders hienen op Syn fersyk in skriuwer ynhiere. Sels koenen se gjin fan allen lêze of skriuwe. De skriuwer moest Youmir syn ferhaal op skrift sette. Spitigernôch hied er net folle fantasij. Hy frege de oanhingers ien foar ien by him, liet se har wurdse dwaan en skreau wat se seinen wurd foar wurd op. No just net de manier om in bestseller te skeppen, seiste. Oft der ea wat sleet yn it boekje sitten hat, kin ik dy net sizze, mar ik tink datst gelyk haste. De oanhingers wisten oars ek net mear allegear krekt hoe't alles om en ta gongen wie en se tochten wolris wat op. Se setten Youmir syn ferwûningen frijwat oan en se swijden der fansels oer dat er earder preester fan in oare religy west hie. Soks is minske-aard. Dat se inoar bytiden tsjinspraken, hienen se iensen net yn 'e rekken. De skriuwer wie it wol bêst. Dy krige syn jild salang't er opskreau wat him ferteld waard.

It sil dy gjin nij dwaan dat de preken fan de Youmir-oanhingers de autoriteiten net bot noasken. Fral de hegepreester wie der fûl op dat harren de mûle teame waard. Mei't se in preesterkleed oan hienen en drigen mei Haisle, hellen se guon oer nei har kamp. De belofte fan in Ivich Libben helle oaren oer de streek. De kliber wûn sûntsjeswei fierder oan. Mear en mear dienen de Youmir-oanhingers in steil wurd op 'e pleinen, dêr't se de merken en offertsjinsten yn trewyn brochten. De oerheid naam heelyd hurdere maatregels. Yn guon plakken hie Youmir al safolle oanhingers dat sels de preesters, dy't fernamen dat de timpels foar de âlde goaden leechrekken, heal en heal meidienen. Dat stie de hegepreester perfoarst net oan. Hy liet de preesters dy't har mei de Youmir-raazje ôfjoegen genedeleas om hals bringe. Dat kaam de oarspronklike skare wol fan pas. Dy preesters wienen doch mar heale oanhingers, dêr wie net folle oan wei. Op 'e pleinen spuiden se raar guod fan de moarden. De slachtoffers gongen nei Paisle, dêr wie gjin mis op. Youmir soe har hertlik wolkom hite.

De Youmirianen fan 'e earste oere begûnen sels dingen te betinken om de minsken entûsjast te meitsjen. Earst wienen se noch wat skruten, mar letter krigen se wol niget oan de bewûnderjende bliken fan de minsken. Mei heelyd mear wissichheid ferkundigen se har moaie ferhalen. Wa't foar Youmir fochten hie, mocht net allinnich nei Paisle, mar krige dêr sels in eareplak, in prachtich paleis of in hynder dat hurder koe as hokfoar oar bist. Se fantasearren mar ta. Hie Youmir ommers net sein dat se alles dwaan moesten om de minsken fan syn godlike status te oertsjûgjen? Pyt bestie it sels om kaaien fan it stek fan Paisle te ferkeapjen. Dat smiet in mânske knoarre tomkrûd op. Lju dy't der ûnwis fan wienen oft harren leauwe sterkernôch wie, krigen sa de garânsje dat se aansen doch Paisle yn koenen.

Al gong it de Youmir-kultus dan foar de wyn, der wienen doch in stikmannich saken dy't de oarspronklike skare net sinnigen. Sa kamen der safolle oanhingers dat sy wat weiwaarden yn 'e grutte kliber. Der wienen wat preesters dy't oan de hegepreester ûntsnapt wienen en no op 't hurdst fan Youmir syn genede bearden, wylst se Youmir net iensen kind hienen.

'Dy lju kinne nea it goeie ferhaal fan Youmir ferkundigje!' rôp Pyt. De oaren knikten. Se wisten wol sawat wat er sizze woe. Guon fielden har raar yn it krús taast troch dy mantsjes dy't mienden dat se har preester foar

Youmir neame mochten en syn ideeën ferkundigje, wylst se him sels nea op in ôfstân sjoen hienen. Sokken waard heech by opsjoen. It wie skoof en skande. Se bedoelden dat it tiid waard om ris tige ta de pong. De kaaihannel hie in kaptaal opsmiten. Sy moesten de nije preesters tenei mar fertelle wat se oer Youmir ferkundigje moesten. Dan hoegden se sels net mear de dyk op, dêr't it net feilich wie. Se moesten dan fansels al wat in knap ûnderkommen ha, dat makke yndruk op it folk.

'Wa't oansjen hat, dy leauwe se!' bearde Pyt yn in kroech tsjin Lotsy, ien fan 'e oare oarspronklike folgelingen. Tsjoch!

Der wie noch wat dat de Youmir-fanklub yn 'e wei wie. De preesters wienen noch altyd net folslein te betrouwen. Guon offeren ek noch oan de âlde goaden. Dy leauden net dat Youmir de iennichste god wie. Oaren sylden mei stream en wyn. Kaam de oerheid tige fanwegen en waard der geweld tsjin de Youmir-oanhingers brûkt, dan oanbeaën se ynienen wer de âlde goaden. Belune de stoarm, dan wijden se har wer helendal oan Youmir. Sa stânfêst as in gersraike yn 'e wyn, smeulden de Regardy, sa't de oarspronklike oanhingers har no neamden. Hoe't se dermei oan moesten, wisten se net. It Youmir-oanbidden wie te frijbliwend. It wie gauris net dúdlik wa't al en wa't net by de skare hearre woe. De Regardy mienden dat se dêr wat oan dwaan moesten. Yn in grutte seal fan ien fan de Regardy-paleizen kamen se byinoar.

'Youmir soe dat dan-wer-wol-dan-wer-net ôfkarre,' sei Joub.

'Elkenien moat mar ris dúdlik sizze oft er by ús hearre wol of net!' balte Lotsy. Hy krige algemiene byfal. Ienriedich waard besletten dat it dien wêze moest mei dy ferflokke frijbliwendheid. Bang hoegde de oarspronklike skare net mear te wêzen. De Regardy wienen al hast like ryk en machtich as de oerheid. Hoewol't der op 'e dyk geregeldwei reboelje wie, koenen se goed mei in protte amtners. Dy fielden wol foar de Youmir-kultus, mar koenen dêr net foar útkomme, mei't de hegepreester alle amtners dy't iepentlik foar Youmir keazen kertiere liet.

Lang om let kaam de gearkomste ta it oardiel dat de Youmir-folgelingen troch de wei fan in ritueel formeel yn de mienskip opnaam wurde moesten. Yn al har ûnnoazelheid koenen de Regardy de needsaak en de gefolgen net alheel oersjen, mar allegear hienen se yn 'e rin fan 'e tiid in groepke adviseurs om har hinne sammele, dy't har allegeduerigen yn 't sin brochten hoe belangryk oft se wienen, en dy't har gauris skewielden mei goerie. Dy wiisden de hege lju derop in te formeel ritueel de lju ôfskrikke soe. En in ritueel dat minsken kenber makke as Youmir-oanhinger soenen de minsken net oan wolle, om't se bleatstienen foar de represailles fan de hegepreester. In lyts, ienfâldich ritueel soe de lju gefoelsmjittich (bah, wat in term, en dat yn de earste ieu) mei Youmir ferbine sûnder in bedriging te foarmjen. It waard sa besletten dat men jin earst Youmiriaan neame mocht at men in hapke chleb naam hie. Chleb is tsjintwurdich net mear sa bekend, al wurdt it yn beskate parten fan Ie noch wol iten. It is in hurde bôle, de saae kant it neist mei neat derop, mar net djoer. Heel wat earmelju ieten al har libben oars neat as droege chleb.

Yn in koart skoftsje tiid waard it ynwijingsritueel heel populêr. Doe't de earste weach fan chlebwijingen foarby wie, ûntjoech de plechtichheid him fan in formaliteit ta in feest. De Regardy besleaten dat der alle tsien dagen in feestdei komme soe mei nije chlebwijingen. It folk wie fansels út 'e skroeven - alle tsien dagen feest, salang't der mar minsken bykamen dy't Youmir folgje woenen! En dy wienen der by 't soad. It foarútsjoch fan safolle feestjen helle mannich twivelder oer de streek. Sels de foarst liet yn

him omgean om in chlebwijing te ûndergean. De hegepreester wie poer. It akkordearre al in skoft net tusken him en de kening. De hegepreester waard altyd mar fûler. Hy hie de hannen fol oan de deafonnissen dy't er alle dagen útfiere moest. Tsentallen amtners deis gongen laitsjend de dea temjitte, wis fan in eareplakje yn Paisle.

Kening Milvidar wie gâns mylder. Hy hie nea wat op de Youmirianen tsjin hân. Hy wie sowieso frijwat skeptysk as it om religy gong. Polyteïsme, monoteïsme, ateïsme, wat koe 't skele. Hy seach it sa dat allinnich de ferstoarnen witte wat der nei de dea wachtet en wat dêr foar goaden omstappe. En oft der no ien sa'n knaap marsjearret of in berchfol, it wie him likefolle. Sa goed as er it wist, wie der bûten Youmir net ien dy't bewarde dat er dea west hie, dus as er al in religy oanhingje moest, dan wie dy perfoarst net minder as oare. Doe't in fearnsparit fan 'e befolking him chlebwije litten hie, die hy dat ek. Fan de restearjende fiifensantich persint soe it grut part syn foarbyld folgje. Dan wie der wer ienheid en wie syn troan feilich. As er wachte oant de mearderheid út Youmirianen bestie, dan soe de befolking him as oarstinkende faaks ferantwurdlik hâlde foar de terreur fan de hegepreester, en him lynche.

Yn Bie tikken de measte minsken tsjin 'e foarholle doe't se it nijs hearden. De broer fan Joddes grânzge wat oer poepelderij en ferrifelderaasje, en Joddes syn heit kwitste fan klare argewaasje syn prúmke njonken de kwispelpôt.

Beskate Youmir-oanhingers wienen noch fervinter as de Regardy. Se teagen oer de grinzen fan Ie om de minsken te ferheljen wat der bard wie, dat Youmir de oare goaden ferslein hie en dat it dêrom gjin doel mear hie om se te oanbidden. At je wis wêze woenen fan it Ivich Libben, dan moesten je Youmir kinne. Sok preekjen woe net yn elkenien del en net alle foarsten wienen like myld as kening Milvidar. In protte swalkjende preesters kamen om. Se stoaren altyd glimkjend, want se wisten dat se it Ivich Libben hienen. Oaren krigen wol in foet oan 'e grûn. Yn guon streken dêr't de minsken teloarsteld wienen troch it útbliuwen fan wûnderen leauden se fuort dat de âlde goaden dea wienen. Dat ferklearre alles. Youmir krige dêr in waarm ûnthaal. Wer oare plakken wienen tebekhâldender. Dêr hongen se o sa oan de jierdeisfeestjes fan de âlde goaden. Aldergeloks wienen de preesters net dom. Net ien wist de datum fan Youmir syn jierdei, dat wat wie derop tsjin om dy te fieren op in dei dat der oars ek feest fierd waard?

Sa kaam it dat net elk doarp Youmir syn jierdei op deselde dei fierde. De pear forinzen fernuveren har dêr wolris oer, mar as se oan de preesters fregen hoe't soks siet, hienen dy dêr net in goed antwurd op. Dêrom sette in ôffurdiging fan preesters nei de Regardy om útlis. Dy setten de seinboaden yn 'e wachtkeamer en bepraten it probleem ûnder iten.

'Tsjja,' sei Joub prakkesearderich. 'Dy pakkedragers, hoe moatte wy dêr no wer mei oan?'

'Gejeuzel oer details,' wie Lotsy fan betinken.

'Tsjja.'

'Mja.'

De skare klaude him ris yn it tinne hier en oan it bleke kin. De Regardy waarden der net jonger noch sûner op yn harren paleizen. Folle mear as Youmir oanbidde en in soad ite en drinke dienen se net. Dokter hie alris warskôgjend sein dat se har better yn acht nimme moesten. Dy man wie syn tiid fier foarút, en dat kin men fan in bulte figueren yn dit ferhaal net sizze.

Hommels skeat Sjúl oerein. Sjúl wie it feintsje fan Lotsy, dat moarns dy syn skuon poetse mocht. Tafallich hie de hegepreester Lotsy syn taffelfeint de oare deis ophongen, dat Sjúl mocht hjoed Lotsy syn iten optsjinje. Hy hie de diskusje in einhinne meikrigen en seach in logyske oplossing fan it probleem.

'Youmir hat doch trije gedaanten! Dy kinne alle trije wol in oare jierdei ha,' rôp er optein.

De skare wie fan betinken dat dat in goeie oplossing wie. It stie de Regardy allinnich net oan dat in krekt wijd snotjonkje him bybrocht hie.

'Wat soesto dy mei teologyske diskusjes bemuoie, smoarge jonge! Nei de keuken, rûtsdy!' graude Lotsy. It koe der by de Regardy net lâns dat in jonge har in loef ôfseach. Syn idee wie treflik, mar de wrâld hoegde net te witten dat it fan him kaam. As se der mar fan op oan koenen dat er him stil hâlde soe. As ...

Dy jûns fûn ien Sjúl dea yn in glopke. De Regardy wienen der as de roeken by om te ferklearjen dat Sjúl in eareplakje yn Paisle krije soe, mei't it klear wie dat er fanwegen syn leauwe oan Youmir fermoarde wie troch dy smearlap fan in hegepreester. Dat it net de gewoante fan de hegepreester wie om minsken yn glopkes de hals út te snijen, sa't by Sjúl bard wie, dêr tocht net ien oan.

It dearde de Regardy net yn it minst dat Sjúl hookstrooks út it libben weiskuord wie. Se skynden der al jierren in ilastiken gewisse op nei te hâlden. Youmir hie harren persoanlik tasein dat se rekkenje koenen op it Ivich Libben en dêr genoaten se fan. Salang't se braaf Youmir syn namme priizgen, wienen se wakker mei harsels op 't skik. Se dienen wêr't se nocht oan hân hienen doe't se noch gjin preesterstudint wienen. Se wienen hast allegear ûnfrijwillich eunuch wurden en dan wie it preesterskip yn Ie sawat it iennichste fetsoenlike berop dat jin oerbleau. Foartiid hienen se der rûch hinne libbe. Allinnich Mouryak hie echt in ropping hân. De feintsjes fan de Regardy seinen, at se ûnderinoar wienen: dy't oprjocht leaut, hat nea troch in buiske pisse.

4.

It kaam wolris foar dat in Regardus samar op in goed idee kaam. Goed foar himsels, begryp my net ferkeard. Ik sil dy no fertelle fan ien fan de liepste en tagelyk leechste ideeën dy't ea oan it brein fan in eunuch fuortkaam binne. Hark sels mar.

De Regardy sieten alwer gâns jierren yn har paleizen en wienen aardich groeid, yn pûnen sawol as yn gûnen. Om 'e tsien dagen, op 'e Youmir-feestdei, lieten se de minsken tsjin betelling harren paleizen bewûnderje ûnder it motto 'Loovje Youmir en wa wit hasto dan ek ris safolle modder oan 'e kloet as wy'. Almeast gongen de Regardy dy't dy kear har paleis foar it publyk iepenstelden, in dei by ien fan 'e oaren útfanhûs, want al dat rosomos koe in Regardus fansels net lang om him hinne ferneare. De Regardy ferbrochten dêrtroch de hjeldagen gauris meiïnoar en ieten en dronken dan dat it sta sei.

Op in dei nei de feestdei kaam Joub nei sa'n banket werom yn syn paleis. Mei pine yn 't hier en in min sin strúnde er troch de gongen. Dy't him foar de fuotten rûn, krige in grau en in snau, in skop ûnder de broek of slimmer. Joub mei in kater wie net in noflikke hûshear. Syn folk hie him it leafst yn it kâlde wetter fan 'e grêft smiten dat er ôfkuolje koe, mar at je gjin Regardus binne, kinne je net alles dwaan wat je graach wolle. Joub raasde troch de

útstoarne gongen dat it stil wêze moest, dat er ite woe, dat er op bêd woe, dat de dokter komme moest, en hy drukte allegeduerigen de hannen tsjin de sliepen. Syn pineholle waard slimmer en slimmer. Lilk dûkte er ûnder de tekkens en foel fuort yn 'e sliep. It personiel suchte ferromme.

In pear oeren letter wie it paleis yn ûnstjoer. Joub stoarme razend ta syn sliepkeamer út.

'Wêr binne myn bêdknoppen? Wa hat myn bêdknoppen pikt?'

Alleman waard heislike kjel. Dy't net in heel driuwende reden hie om yn 'e buert te bliuwen, makke dat er fuortkaam.

'Wêr is Gús?' rôp Joub, dy't troch de gongen dindere.

Gús wie it feintsje dat Joub syn sliepkeamer fersoarge. De Regardy wienen doedestiids de iennichsten yn Bie, njonken de foarst en de hegepreester, dy't op in bêd slepten. Se wienen soks yn Ie noch net wend. In bêd wie sawat bysûnders dat it omraken opsnoeke waard. Joub syn bêd wie makke fan it djoerste hout dat te krijen wie en it wie ryklik fersierd. It opfallendste wienen twa massyf gouden ballen oan 'e beide kanten fan it fuottenein. Dy hie Joub spesjaal meitsje litten by in bûtenlânske goudsmid. Moai wienen se net, mar de priis flonkere derfan ôf. Dêr gong it Joub om. Hy fertiisde weardichheid wol mear mei pronkskens. En no wienen dy knoppen fuort.

'Hjir bin ik, hear,' lúster Gús eangstich.

'Wêr binne myn knoppen?'

'Ik wit it net,' pipe er benaud.

'Wat seisto?'

'Ik tink dat se stellen binne, hear. Juster, doe't de besikers kamen.'

Joub hie genôch heard. Fynfielich as er wie, joech er Gús in earbân, dat dy fan 'e fuotten rekke en mei de holle tsjin 'e muorre sloech. Bliedend sakke er ûnderút. It koe de Regardus net folle skele. Hy fleach nei bûten om de plysje te warskôgjen. Bûtendoar betocht er him. De plysje wie te bang fan de hegepreester. Dy soe him nei alle gedachten net helpe. Dan sels mar op ûndersyk út, tocht er. Mar dat koe ek net. Al hoefolle ynfloed oft de Regardy hienen, se koenen net samar huzen binnenfalle en minsken yn it ferhoar nimme. Dêr soe de foarst wis in skoatteltsje foar strike. Triljend fan liikens om't er neat útrjochtsje koe, gong Joub wer yn 'e hûs. Hy sleat him op yn syn sliepkeamer en bleau dêr sitten te stúmjen om't it libben sa ûnfjochtfearnich wie. Wylst ferstoar Gús oan 'e ferwûning oan syn holle.

De Regardy kamen ynderhaast byinoar. Poer dat der safolle rjochtsûngelikens bestie praten te trochinoar hinne. Soks roaide doch igge noch seame! Hoe wie soks mooglik? It wie in skandaal! Sokke gjalpen klonken troch de seal. De oaren hienen net yn 'e gaten dat Lurdt, ien fan 'e minder bylkerige Regardy nei de midden fan 'e seal skarrele. Hy hie fan himsels nea wis west oft er no út biologyske needsaak of út oertsjûging de preesteroplieding dien hie. Hy genoat fan it Regarduswêzen, en lykwols skimere yn syn efterholle altyd de gedachte dat in libben mei mear spiritualiteit Youmir mear noaskje soe as it sûpen en suiskjen fan no. Lurdt wie in grut foarstanner fan twang as it derom gong, minsken de chlebwijing ûndergean te litten. Al leauden dy dan sels net oan wat de Youmir-preesters ferkundigen, it neakene feit dat se ritueel mei Youmir ferbûn wienen, makke de mienskip wer grutter en dat koe de buorlju wer oerhelje om har dêr frijwillich by oan te sluten. Lurdt hold himsels foar in echte minskefreon. As it oan him lei, hoegde net ien it Ivich Libben te missen. It

wie doch ferskriklik om nei Haisle te gean, at je Youmir leauwe mochten. En dat die er fansels. Je moesten der dus alles by opsette om foar te kommen dat ien dêrhinne gong. Dan wie in bytsje twang goed te rjochtfeardigjen. Dat wie Lurdt syn riddenaasje.

'Ehm, jonges ...'

De oare Regardy seagen wat ferheard. It kaam net sa faak foar dat dy stille Regardus it wurd naam.

'Ik haw in idee.'

Mei sân pear earen harken de oaren. Lurdt spruts.

'Sjoch, ús probleem is dat elkenien mei ús dwaan en litte kin wat er wol. De plysje sil ús ynearsten net helpe, dy is te bang fan de hegepreester. Dat wol sizze dat wy min ofte mear fûgelfrij binne. Aldergeloks binne wy ûnsterflik, mar ús guod kin elkenien stelle. Dat kin der fansels net op troch. No komme hjir útsoarte net folle minsken te sjen dy't net oan Youmir leauwe. Tûzen om trettjin is de dief ien fan ús. Wy meie net hinnegean en ûnderfregje de lju. Mar Youmir is de iennichste god, dy wit alles.'

De oare Youmir-oanhingers moesten dêr eefkes oer neitinke. Lurdt ferfette:

'Tinkt jim no wier dat Youmir sa'n ien yn Paisle talitte soe, ien dy't stikem eigendommen fan de grutte Regardy, fan ús, jonges, fan ús, weitaakt?'

Se skodhollen allegearre.

'Wy binne de ferkeardsten net, dat mei dúdlik wêze. At wy witte wa't de dief is, dan sille wy in offer bringe oan Youmir om him te freegjen dat er dy lammeling ferjout.'

'Mar dat witte wy ommers net,' rôp ien.

'Noch net, mar as myn plan wurket, dan sil er himsels by ús melde. Lykas alle takomstige dieven.'

Mei ferhearde gjalpen en drok geflúster oerstimden de gearboske Regardy Lurdt. Guon sissen dat Lurdt syn Ivich Libben yn in gekkehûs slite moatte soe. Lurdt strôtskrabe in pear kear om it omtinken werom te krijen.

'Net ien fan jim leaut dat Youmir sa'n ien as dy dief yn Paisle talit, wol? Wy binne lykwols o sa fersoenlik fan aard. Ik sil jim útlizze wêrom. Tink ris ta. Sa'n dief is heel dom. Dy set syn Ivich Libben op it spul foar in pear stomme bêdknoppen.'

'Wol hele djoere bêdknoppen, mocht dy dat troch it sin gongen wêze,' moppere Joub. 'En bûtendat, se wienen fan my.'

Lurdt liet him net ûnderbrekke. It preesterfjoer wie foar it earst nei skoften en skoften liddichheid oplôge. Fral no't er in mooglikheid waarnaam om religieuze rjochtfearnichheid en eigenbelang meiinoar te ferbinen, wied er net te hâlden.

'Wy binne o sa fersoenlik, sa't ik sei, Joub. Dy dief begrypt net dat er troch stellerij syn kânsen by Youmir ferspilet. Sa'n ien mient miskien dat it chlebwijen him in frijbrieff ta Paisle jout. Krekt lykas dy kaaie dy't de lju by dy keapje, Pyt.'

De oansprutsene krige in kaam. Yndied hied er sels nea oan it nut fan de kaaie leaud. It nut foar de keaper dan. Hy hie faak tocht dat it net sa wêze koe dat Youmir elkenien dy't in kaai hie samar taliet. It wie in gelok dat Youmir him persoanlik it Ivich Libben yn Paisle tasein hie, oars hied er grif gauris yn 'e pypsek sitten.

'Wy ferjouwe dus maklik en kinne Youmir freegje om itselde te dwaan. Mar dan moatte wy al witte wat de minsken útheve. Wy moatte al dy sljochtweihinne lju dúdlik meitsje dat Youmir net te keap is. Chlebwijing is gjin yntreebiljet foar Paisle. As Youmir it mier oan ien hat, lit er him net ta.'

Dan stjoert er him nei Haisle. Dêr kinne wy net folle oan feroarje. Mar as wy in goed wurdsje foar him dogge, en hy betellet sels foar it offer, dan strykt Youmir miskien de hân oer it hert.'

Net alle Regardy begrepen wêr't Lurdt op ta woe, mar by in pear begûn wat dy syn bedoeling te skimerjen.

'Wat wolst no einliks sizze, Lurdt?' brimde Joub. 'Hoe krij ik no myn bêdknoppen werom?'

'Dat besykje ik dy út te lizzen,' sei Lurdt nitelich. Hy woe noch wat oer Joub syn yntelliginsje sizze, mar wie doch mar de wiiste.

'Wy moatte de minsken oertsjûgje fan de wierheid. Dan komme se fansels by ús om ús te smeken dat wy by Youmir in goed wurdsje dogge as se wat úthelle ha. Dêr komt it, ienfâldich sein, op del.'

Do sjochst dat de Regardy in mûnsterlik plan smeid hienen. Se boarten mei de oprjochte gefoelens fan minsken dy't net dommer wienen as sysels (sokken wienen der ommers net in soad), mar wol minder ryk. Is de eangst dêr't se op ynspilen net wêr't lettere diktatueren op grûndearre wêze soenen? Doe bestienen der ek al ûnderdrukkers, tink oan it Romeinske ryk, mar noch nea hie ien sa tûk gebrûk makke fan de minsklike eangsten as de Regardy. Paisle en Haisle, mear wie der net. It wie it iene of it oare. De eigenwillichheid fan Youmir bepaalde wêr't je hinne gongen. Foelen jo by Youmir út de graasje, dan wienen de Regardy jo lêste hope. It sil dy net fernuverje dat it al gau sa kaam as Lurdt it betocht hie. De preesters krigen ynstruksjes dêr't se fan skrokken. Sa hienen se de saak noch nea besjoen. De measten fan harren hienen it chlebwijen foar in wûndermiddel holden om yn Paisle te kommen.

It nije systeem die fertuten. Eangst is in machtich wapen dat better net yn 'e hannen fan minsken as de Regardy falle kin. De kaaiferkeap, dy't stadichoan tebekrûn wie, boaze oan. Alle dagen stienen der minsken by de Regardy foar de doar, pet yn 'e hân, om betommele te freegjen oft ien fan de nommele hearen miskien in minútsje tiid hie. It systeem wurke sa goed dat de Regardy der al tau in deitaak oan hienen om alle minsken te ûntfangen. It wie dien mei it slypjen fan 'e houtene hammer. Se offeren dêrom nei in pear wiken in okse oan Youmir mei it fersyk oft dy tenei goed likegoed nei de preesters harkje woe as nei de Regardy, want dan koenen dy in part fan it wurk fan har oernimme. Sy, de Regardy, soenen har om de slimste misdiedigers bekroadzje, lykas dieven en moardners.

De bêdknoppedief hie him nammers noch net melden. Dat wynde Joub raar yn it liif om. Sûnt de diefstal hied er min slept. Hy hate dy smjunt troch-ende-wer-troch. Krije soed er him. As it oan him lei, soe dy fint streekrjocht nei Haisle ferdwine. Hy soe der yn alle gefal alles oan dwaan om Youmir foar dat idee te winnen.

5.

'Jonkje, wat hast doch dien,' suchte Misjah. De âlde frou seach de jongfeint treurich oan. Se koe net ferkropje wat der bard wie. Fansels hied er it net foar himsels dien en Youmir soe dat wol witte, mar it bleau stellerij. Se woe in offer bringe om Youmir myld te stimmen, mar dêr wie in preester by nedich en dy soe wat se fertelde fuort trochjaan oan de Regardy. Dan hie it earen doch gâns noflikker west, doe't de âlde goaden der noch wienen. It muoide har wolris dat dy iene nije al dy âlde, dy't se fan jongsôf kind en leafhân hie, fan de goadeberch ferdreaun hie. Bûten harsels like net ien him

der drok oer te meitsjen wat der fan harren wurden wie. Swalken se noch oarnsje om of wienen se der gewoan net mear? Sokke dingen frege Misjah har ôf.

Wat puddingeftichs seach skril nei har op. It wie har muoikesizzer Gwin. Hy hie de holle sa djip mooglik tusken de skouders lutsen, dat er hast yn syn eigen ûnderkinnen smoarde. Wylst syn muoike tsjin him prate, siet er swittend neist har stoel te wibeljen. Hy siet altyd op 'e grûn. Hy koe net oars. Gjin stoel op 'e wrâld soe deroer prakkesearje om syn gewicht te dragen. Gwin woech op syn minst twahûndert fyftich pûn. It oanpart brein yn dy massa wie te lyts om te achtsjen. Gwin hie it ferstân fan in jonkje fan seis. Meastentiids die er op in dei net folle mear as syn muoike wat te helpen yn 'e húshâlding as de manlju, syn omke en omkesizzers, op it lân wienen. De famylje bestie út frije boeren. Fan har hoekje lân koenen se goed ite en se holden genôch oer om mei ruilhannel te krijen wat se fierder brek wienen.

Gwin wie krekt tweintich wurden. Hy wie sûnt syn beukerjierren by syn omke en muoike. Wêrom wist er al lang net mear. It wie gewoan in feit en hy hie it oanfurdige. Oft der noch âlden wienen en wêr't dy dan taholden, dat wienen fragen dy't nea by him opkaam wienen. Hjirre by muoike koed er moai wat putsjes dwaan en op syn gemak krôkje. Want dat died er graach.

'Gwin,' sei syn muoike. 'Do bringst ús yn de grutste problemen. Do kinst samar gjin dingen meinimme dy't fan oare minsken binne.'

Gwin wibeke swittend fierder.

'Witst einliks wol wa't dat binne, Gwin, dy minsken? De Regardy, Gwin!'

Gwin wibeke troch. Syn muoike waard heeltyd senuweftiger. Se hie har man net fertelle doarst wat se ûntdutsen hie. Hy soe Gwin de doar út kneppele. Hy wie gjin ferkearde man, omke Garm, mar hy koe heel koart foar de kop wêze, benammen as Gwin wat úthelle hie. Gwin wie te dom om op it lân te wurkjen, wie syn betinken, en hy wie der sels einliks te tûk foar. Dat wie in hâlding dy't frijwat spanningen meibrocht, dat silst begripe.

'At dy minsken derefter komme datsto dy dingen stellen hast, witst wol wat ús dan boppe de holle hinget?'

'Wat binne dit?' rôp Garm út. Hy hie de goudene bêdknoppen fan Joub yn 'e hân. Syn frou hold har de lea stikken. Gwin wie yn in hoekje krûpt.

'It liket wol goud,' seid er.

'It is ek goud,' sei Misjah.

Garm seach har ûnbegryplik oan. Wêr hie se it oer? Goud?

Se fertelde wat der bard wie. Garm waard read om 'e holle. Razend draaide er him om nei Gwin, dy't besocht om him yn syn hoekje sa lyts mooglik te meitsjen. Dat is dreech at je sa groulivich binne. Mei útpûljende eagen fan liikens kaam Garm op syn omkesizzer ta.

'Do duvelsbern. Moatsto ús allegear yn it ferderf stoarte? Stelle fan de Regardy. Troch dy sille wy allegear yn Haisle bedarje.' Hy sakke op in stoel del en begûn mei de hannen yn it hier jammerdearlik te skriemen. Stellen guod yn syn hûs en dan noch wol fan de Regardy. It wie te slim. Se soenen baarne yn Haisle. Yn Haisle! Foar har gjin Ivich Libben. Dat hie dat duvelsjong bewurke. En syn frou hie it witten. Neat hie se sein, se hie him - hoe wie soks mooglik - de hân boppe de holle holden.

'Kom, Garm,' sei Misjah sêft. 'Hy woe der gjin ferkeard mei dwaan.'

'Net? Net?'

Garm stode oerein en smiet de stoel sa hurd as er koe yn de hoeke dêr't Gwin krekt noch sitten hie. Flugger as men tinke kind hie, wie dy de doar út snjit.

'Dêr jouwe je ien dan in fersetsje foar. En do mar sizze fan it sil him goed dwaan, in paleis fan de Regardy besjen, miskien bringt dat him tichter by Youmir. Ha! Tichter by Youmir? Tichter by Haisle silst bedoele.'

Misjah begûn ek te gûlen. Snokkend lei se de holle op 'e tafel, wylst har man tsjin har oangong.

Gwin hie him yn 'e skuorre ferstoppe. Sleau foar him út stoarjend siet er tusken de sekken nôt. Syn hele wêzen kwabbele tusken de sekken. Minsken dy't twahûndert fyftich pûn wage soenen har net fersidebringe moatte. Gwin begûn mar wer te krôkjen. Dat wie in tiidkoarting dêr't er nea syn nocht fan krige. Miskien tocht er wol dat er in stikje fan syn gewicht útblaasde. Fansels foel dat omke Garm op doe't dy bûten kaam. Djippe urpen fersteurden de stilte. It brekfallige skuorke trille yn 'e balken. Twahûndert fyftich pûn kin moai wat lucht út him parse.

Driigjend stapte omke Garm op it skuorke ta. Hy soe dy jonge fergrieme. Hy hie foar him naam dat Garm op slach nei in preester moest om ferjouwing te freegjen. Dan koe him, Garm, yn alle gefal neat oanrekkene wurde. Men koe fan Garm in protte sizze, mar stellen guod yn syn hûs, dat nea. Hy kaam op 'e boerlûden ôf. Noch tsien stappen en dan soed er dy jonge omstean leare. Youmir moest net tinke dat er it mei dieven hold. Noch njoggen stappen. Dy smoarge jonge soe him Paisle net ûntkeare. Noch acht stappen. Dy sûch koe de fingers net thúshâlde. Neat dat glom wie feilich foar dy jonge. Wat moest er doch mei him oan. Noch sân stappen. Hy soe him fergrieme. Hy hold de stap yn. Hy sea fan hate, fan lilkens, fan wearze. Binnen hearde er it krôkjen lûder wurden. It skuorke skodde gefaarlik.

Mei in hoart wraamde Garm de doar iepen. Gwin hie krekt in grutte hap lucht naam om lekker op te brekken, doe't er ynienen yn it folle ljocht stie. Hy skrok sa bot dat er yn ien kear alle lucht ûntsnappe liet. De boer der boeren wie tefolle foar it wrakke skuorke. Mei in heidensk lawaai stoarte it yn en beduts Gwin en omke Garm ûnder in lading balken, planken en sekken nôt.

Joub hie noch nea sa'n min sin hân. Hy hie in nacht fan feestjen efter de rêch en stoarre mei in swart gesicht nei it fuottenein. Hoe lang wienen se no al dwaande mei dy bekentenistastân? Hy wie it spuisêd. Der wie noch altyd gjin spoar fan de dief. Alle dagen krige er bange boerintsjes by de doar, dy't perfoarst by ien fan 'e Regardy it moed romje woenen.

'Hear, sa'n preester, no ...'

'Ja, frou?'

'Dat is op 't lêst ek mar in gewoan minske, no? Hy kin Youmir ommers sels net, no?'

'Alle preesters offerje út ús namme, frou.'

'Ja ja, mar doch, hin, hear, men wit mar nea, no?'

Sa gong it dan in kertier troch oant sa'n frommes ta de saak kaam. Joub waard der deawurch fan. Hy koe dy kliemers langer net lichtsje of sjen. It jild dat se meinamen foar in offerdier wie meastal te min. Joub makke him der meastal ôf troch jûns in knyn of in geitsje te keapjen en Youmir om in ginneraal pardon foar alle besikers fan dy dei te freegjen. Dan wie Joub ek wer mei syn gewisse yn 't kleare. Wat oerbleau fan it offerjild, en dat wie wykliks in moai ponkjefol, stuts er yn syn eigen bûse. Krekt lykas de oare

Regardy. De nije polityk lei har gjin dôve nuten. Allinnich dy aaklike dief woe mar net foar de hearen komme.

'Baarne yn Haisle sil er,' stume Joub. Hy hie al twaris de priis fan de stellen bêdknoppen oan oxen útjûn om Youmir te bewegen dat er de dief net yn Haisle talitte soe. Sok naasje moest mar ris leare om respekt te ha foar lju dy't Youmir kind hienen. No?

Joub hyste him oerein en hyste him stinnend en grânzgjend yn 'e klean. De rest fan 'e dei wied er net te brûken. Hy snuitere elkenien ôf. De minsken dy't by him oankloppen om in goed wurdsje by Youmir te freegjen waarden fuortstjoerd. De hear is siik, sei it doarfeintsje. Kinst dy foarstelle dat Joub net wiis wie mei it boadskip dat der in âlde frou by de doar stie dy't him perfoarst te wurd woe.

'Stjoer har fuort!' raasde er.

'Dat haw ik besocht, hear. Se wol net.'

'Hoe no, se wol net? Kinsto gjin âld wiif ôfbanderje?'

'Se seit dat se jo wat oer bêdknoppen fertelle moat, hear.'

It feintsje wie nij en wie net op 'e hichte mei de diefstal, dy't wylst al hast wer fergetten wie yn it lân.

'Wêrom hast dat net earder sein? Lit har deryn.'

It feintsje bûgde en struts fuort. As de hear sa wie, dan rûn er him leaver net foar de fuotten. Hy frege him ôf oft alle hege hearen sa wienen as de Regardy. It wie dat se de fertrouwelingen fan Youmir wienen, oars hied er se foar in groep deune skoften holden. Respekt wie by it tsjinstfolk fan de Regardy fier te sykjen. Al nuver oars dat sa'n respektleas feintsje dy âlde frou sa soarchsum ynhelle. Om him hie se net salang yn 'e kjeld en yn 'e rein stean hoegd, mar de hear woe net lije dat minsken yn syn hal stienen te wachtsjen.

'Kom der mar yn, frou. De hear kin jo ûntfange.'

Ferromme kaam Misjah, want dy wie it, it paleis yn. Wat in waar, tocht it feitsje doe't er fernaam hoe kâld en ferreind en wurch it minske wie. Dy earne frou is heal fersûpt. Hy brocht har by Joub.

Dy jûns offere Joub yn de streamende rein tweintich oxen oan Youmir. Nea earder hied er safolle fjoer yn syn bea lein. Hy rôp oan Youmir om gerjochtichheid. Dat er dy dief nea en te ninter yn Paisle talitte soe. Stelle fan de Regardy, dat wie doch hast like slim as stelle fan Youmir sels. Se hienen it dien om Him te misledigjen. Youmir boppe! En dy frou, dat âlde kring, dat sy ek baarne mocht yn Haisle, frou fan in heelder, muoike fan in dief, en sûnder mis handédich oan de dieverij. Gerjochtichheid!

Wa't it op 'e noed hie dat Misjah in wike letter stoar oan in longûntstekking, wit ik net. Wis is al dat men âlde minsken net bûten yn it needwaar stean litte moat. Dat hie Joub witte moatten. Mar ja, Joub is de tûkste net, dat hast wol begrepen. Hy seach der de hân fan Youmir yn. Youmir hie harke en him gelyk jûn. Hy wie derfan oertsjûge dat Youmir syn bea ferheard en it frommes yn Haisle smiten hie.

'Tsja,' preuvele Joub foar him út. 'Ea koe ik Youmir en Youmir wie by my en ik by him. Youmir is troch my wurden wat er wie. Alles yn ús religy is wat it is troch my. Sûnder ús, de Regardy, hie net ien Youmir kind. At wy net foar him opkaam wienen by dy spultsjemiddei doe, dan hie de hegepreester Youmir al lang kertierd. Dan hie net ien witten dat Youmir de goaden ferslein hie en dan hie net ien weet hân fan Paisle. Dat hie doch ferskriflik west. Dan hienen de minsken noch wit hoe lang offere oan goaden dy't net mear besteane. Sa dom binne de minsken wol. Sels at har

offers neat opsmite, soenen se net op it idee komme dat der in Youmir bestiet.'

Joub wie fol fan earbied. Foar himsels. Hy hie doch mar moai de opdracht fan Youmir útfierd. Fier oer de grinzen loven se Syn namme. Youmir boppe! De Regardy boppe! Ikke boppe!

6.

Yn in streek fier fuort wie it waar gâns better as yn Ie. De rein wie der net kâld, mar ferfrissend. Gjin moudestoarmen dy't de eagen priken wienen der bekend, gjin stjalprein en gjin ferskroeiende simmersinne. In wûndermoaie lânsdouwe rikte oan 'e fiere kjim ta. Unúteachbere griene flakten, ûnderbrutsen troch brede rivieren, foarmen it lânskip. De minsken praten in taal dy't se yn Ie net koenen. Sa'n swietlûdige taal koenen se oars nearne. It folk fan dat flakke lân drukte al syn lok út yn dy prachtige wurden. Hoe moai moat it libben yn dat griene, groeisume gea west ha. It wie in lân sûnder foarst, sûnder hegepreesters. Se oanbeaën der in rige goaden dy't de lju goed ûnder de kwint holden. Untsach foar Tuur, Schui, Rij en Graai en al dy oaren wjerhold de minsken der meastal wol fan om har oan oaren en har eigendommen te misgripen.

It lân hie ek gjin fijannen, deagewoan omdat it sa ôfhannich lei dat der hast gjin frjemden kamen. It wie in lân dêr't it libben goed wie. In stêd, moaier as elke oare stêd dy'tst kinst, foarme der it middelpunt fan. Dat plak hite Ulma Treikta. De huzen yn dy stêd wienen net fan hout, nee, se wienen boud fan in ûnbekende djipreade stien. Brede grêften slingeren tusken de huzen troch. Op it wetter wie it in drokte fan keaplju, boeren mei har rispinge en lju dy't út de aardichheid in stikje farre woenen. It wie in stêd fol fleur, fol beweech en aksje. In tierige stêd wie it, sûnder fijannen, mei in libbene hannel en in rike befolking.

Oarnsje yn de strjitsjes fan dy stêd rûn in man. Op it earste each soest him foar in losse omstapper of in lytse gernier oansjen. Syn klean wienen smoarch en syn hâlding wie wat rûngear. Hy heve de holle allinnich om minsken fiis oan te sjen en om te besykjen ien syn bûse te hifkjen. Dat makke him net oars as de oare strjittbewenners. Doch wie der wat bysûnders oan de man. Syn skôging wie donkerder as dy fan de bewenners fan Ulma Treikta. Hy prate ek oars. Net dat er min te ferstean wie, mar hy miste de klankrikens dy't sa typysk is foar de spraak fan dêre. Fral de nammen fan de goaden krige er min oer de lippen. De lûden woenen him gewoan net maklik ta de mûle út. Der wie mear oan him dat bûtenwenstich wie. Syn kleed like wol in preesterkleed. It wie âld en ferraffe, mar it wie doch kleardernôch in kleed sa't de preesters yn Ie dat droegen. Syn holle wie it alderopfallendst. Dy wie ûnbidich. Men soe derfoar tebekskrilje om him oan te reitsjen. Hy mocht ris ploffe. Meastal wied er net te sjen, dan hold er him ferskûle ûnder de kape fan syn kleed. Do hiest him grif teplak bringe kind. It wie Youmir.

Wis ende wier, Youmir wie swalker wurden. It hie him op 'e lea lein dat it better foar syn sûnens wie as er him net wer yn Ie sjen liet. In skoftlang hied er yn in buorlân fan Ie taholden, mar doe't er murk hoe earnstich oft syn stúdzjegenooten syn oprop naam hienen en dat syn namme rûnom neamd waard, wied er fierdergongen. Sûnt hied er de hele wrâld bereizge. Op in stuit wied er hjir terjochte kaam, yn dit flakke lân. It foldie him der wol. Allinnich miggele it nei Youmir syn sin wat te faak. Dat wie net sa

aardich at je bûtendoar libben. Ynearsten hied er war dien om as preester oan it wurk te kommen. Dat woenen de autoriteiten lykwols net lije. Se hienen eigen goaden en dêr mocht hy as bûtensteander him net mei bemuoie. Oars pakte er mar op. It jild dat er út Ie meinaam hie, wie hjir neat wurdich. Dêrtroch wie Youmir oan 'e biddelsek rekke. Dat koe him net folle skele, want yn it rike lân wie altyd wol iten te krijen, alheel simmerdeis. Op de merken lei alles foar in hantsjegau as Youmir foar it gripen. Waard er ris pakt, dan krige er in fodskuorring en soms wat skoppen en dan joegen se him fuort. Faak smieten se him de bôle of de koal dy't er stellen hie nei en dan hied er syn miel. Se hienen him noch nea opsletten of slim tramtearre.

Slieperij wie dreger. Yn Ie eaze it slim, mar de buien duorren nea lang. Yn dit lân koe it wiken efterinoar miggelje. De minsken waarden der net oars fan. Har stiennen huzen wienen droech en waarm. Youmir hie der wolris oanstriid fan. It like wol oft elkenien syn eigen paleiske hie. Aldergeloks hienen in soad huzen in dakje boppe de doar dêr't er ûnder skûlje koe.

Youmir besocht sa út en troch om in baantsje te finen, mar dat slagge net. Hy krige sels nea de kâns om te fertellen wat er koe. Se woenen altyd papier sjen. Je moesten hjir altyd in jiermannich in lear dwaan. Dan dienen je in proef en dan koenen je bygelyks strjitfeier wurde. It die Youmir mar frjemd oan. Oan 'e oare kant leanne it stellen en biddeljen. Biddelje mocht einliks net, mar de hegerein, dy't it biddeljen sels ferbean hie, ferbea de plysje tagelyk om der wat oan te dwaan. Nuver lân, mar wol moai.

Sels yn in ôfhannich gebiet as dit kaam wolris in pakke drager del. Youmir wie altyd bliid as er ien trof. Se koenen smout fertelle en harken graach nei Youmir syn befiningen yn it flakke lân. Guon hienen wolris yn Ie west en ferhellen fan de feroaringen yn syn heitelân. Youmir hearde hoe't it de preesterstudinten fergongen wie en hoe't de nije religy him útwreide hie, en dat kening Milvidar chlebwijd wie. Op in dei fertelde in pakke drager Youmir dat de hegepreester wie dea. Fan 'e wjerljocht slein doe't er oan it offerjen wie, seid er. Youmir hie him straft foar syn ûnleauwe. De pakke drager wie sa't it like djip religieus. Hy wie yn Ie berne en helendal fol fan de Youmir-kultus. Sels sa fier fan hûs fiede er him ferplichte om alle tsien dagen in feest te jaan foar Youmir. Die er dat net, dan fiede er him skuldich, om't er de kâns net waarnaam hie om minsken diele te litten yn de wille dy't syn leauwe him joech. Doe't Youmir dat hearde, wied er slop fan gnizen. De pakke drager fiede him op 'e teannen trape, fandele heechhertich syn guod gear en pakte op. At de minsken yn dizze stêd sa wienen, dan woed er neat mei harren te krijen ha.

Cohn wie ek in hannelsreizger. Hy wie al chlebwijd, mar sa rjocht yn 'e lear as syn niisneamde kollega wied er net. Hy hie tefolle fan de wrâld sjoen om de kultus serieus te nimmen. Sûnder soargen oer de driging fan Haisle teach er troch de wrâld. Dat dat gau feroarje soe, koed er noch net witte doe't er foar it earst yn it flakke lân kaam.

It die Cohn nij dat lân sa sljocht wêze koe. Der wie sa fier as er sjen koe mar ien lyts heuveltsje te sjen en dat like dan ek fuort in berch. Cohn tocht dat it dreech wurde soe om hjir syn foarried berchskuon te sliten.

It waard al tsjuster en Cohn hie noch net in doarp of stêd fûn dêr't er de nacht trochbringe koe. Dat de streek net ûnbewenne wie, seach er oan de hoefprinten yn it sân. Hy koe ek wol ûnder syn wein sliepe, dat die er wol mear. Mei soarch duts er syn hannel ôf. Der wienen hein en fier gjin

minsken te sjen, mar hy woe gjin risiko nimme. Hy hie it guod omskik besette kind en in skelm wit wat der yn in skelm omgiet.

Om wat wille te ha, hie Cohn in grutte sek wyn by him. Einliks wie de sek wat te âld foar de wyn. Foar't dy rypje kind hie, soe de sek it bejûn ha.

Cohn wie net kritysk en dronk de wyn einliks te jong. Tsjoch, op 'e hannel!

Nei fierste min sliep waard Cohn wekker makke troch in lûd sjongen. Hy hie pineholle en moppere dat it wol wat suniger koe. Hawar, no't er doch wekker wie en dêr ien wie, koed er fuort wol fernimme wêr't hjir oarnsje in stêd wie. Hy hyste him oerein en rûn op it stal ta dat in eintsje fierderop oer de dyk stapte. Mei in skok hold er ho. Hearde er dat no goed?

'Hy sjongt yn de taal fan Ie!' prommele er.

Cohn wie fuort wer nochteren. Hy frege him ôf wat syn lânsman hjir sa fier fan hûs en hiem die. Oan syn kleed wie it in preester. It barde wolris dat preesters bûten de grinzen fan Ie kamen om it boadskip fan Youmir te ferkundigjen, mar dizze wie wol heel fier ôfdwaald. Wif rûn er fierder. De sjonger hie him ek opmurken en kaam nei him ta. De kape fan syn mantel hied er oer de holle lutsen, dat Cohn syn gesicht net sjen koe. Hy waard raar yn 'e mage. Der wankte wat. Senuweftich tyske er oan it toutsje dêr't er de broek mei ophold. Dat wie fan dy gefolgen dat er de knoop derút luts. It stik klean hold spontaan op mei syn neakenens te ferbergjen. Yn in tiid dat der noch gjin boksershorts en sels gjin lange ûnderbroeken bestienen, wie soks de beskamsme kant it neist. Cohn hie ek wol yn 'e rekken dat it gjin goeie yndruk makken at je in preester begroeten troch de broek sakje te litten. Hy krige in kaam. De preester like ek net entûsjast oer in fierder yn-de-kunde-kommen. Hy bleau stean en sei wat yn in taal dy't Cohn net ferstie. Doe't de hannelsreizger neat weromsei, draaide er him op en preuvelde yn Cohn syn eigen taal: 'sûplap'.

'Ho ris,' rôp Cohn, wylst er gau de broek wer ophyste. Dy draaide him ferheard om. Dy sûplap wie in lânsman. In drinkebroer dy't helendal út Ie hjirhinne kaam wie. Krekt lykas hysels. Wol in aardich idee. Allinnich, dat er de broek foar him sakje litten hie, dat gong him te stoef. Hy sette de kape ôf en sei lilck: 'Pak op, man. Do bist dronken. Sliep dyn rûs út.'

Doe rûn er fierder sûnder efterom te sjen. As er dat wol dien hie, dan hied er sjen kin hoe grut oft de eagen fan de keapman wurden wienen foar't er tsjin 'e grûn sloech. Dy wetterholle, dy spraak, dy mantel. Dat ... dat koe doch net. It wie Youmir.

Sûnt hat Cohn nea wer wat stellen en nea wer in drip drank hân. Hy hie rûch libbe en Youmir wie persoanlik helendal nei dat fiere lân set om him op syn sûnden te wizen. Al dy jierren hied er syn religy sloere litten, hoe koed er dat wer goedmeitsje? Soed er ferkoaljje yn Haisle? Hy spande syn ezel yn en skonk syn hele hannel oan de earste de bêste foarbygonger. De rest fan 'e reis soed er fêstje. En thús, thús soed er preester wurde. En de Regardy opsjkje om har fan it wûnder te fertellen.

7.

Werom yn Ie gong Cohn streekrjocht nei it paleis fan Joub, dêr't de Regardy op dat stuit gear wienen. Sûnder it protestearjende tsjinstfolk acht te slaan, draafde er hin-en-wer, op 'e siik nei ien dy't nei him harkje woe. Ien fan 'e feintsjes helle de tûnman derby, in reus fan in kearel dy't fan en ta foar útsmiter spile. Joub stjoerde him fuort. Dy makke út de gjalpen fan de pakkedragger op dat dy him wat wichtichs te sizzen hie.

'Grutte Regardus, ik ha Youmir sjoen!'

Mei dat sintsje sette in hele nije perioade útein. Doe't de Regardy de wurden fan Cohn hearden, mienden se earst dat er net goed wiis wie. Doe tochten se dat er har foar it lapke hold. Dêrnei krigen se de yndruk dat er de gek mei de Youmir-kultus hie en nei in soad praterij leauden se dat er de wierheid sei. Joub rôp:

'Hy is gek.'

Lurdt brimde: 'Hy wit net wat er seit.'

Pyt sei: 'Hy hat grif dreamd.'

Lotsy bruts by eintsjebeslút de wjerstân fan de Regardy tsjin it ferhaal fan Cohn.

'Youmir is de iennichste god. Hy kin fansels altyd yngripe at ien der sa rûch troch giet as dizze Cohn.'

Lurdt stume noch wat nei, mar moest Lotsy gelyk jaan. Joub en Pyt joegen skytskoarjend belies, ynderlik liik op Cohn, omdat dy de diskusje bywenne hie. Wat bleau der oer fan it absolute gesach fan de Regardy as elke boerekloat de Regardy samar op 'e doele bringe koe. Oan 'e oare kant wie it fansels mooglik dat de man troch Youmir útferkard wie. Dan wienen de Regardy him earbied skuldich. Hy soe dan ien fan harren wurde. De saak moest yngeand ûndersocht wurde.

'Hjir moat dúdlikheid oer komme, mannen,' sei Lurdt doe't Cohn ôfset wie.

'At it wier is,' drôge Lotsy, 'dan helje wy heel wat twivelders oer de streek. In pear wûnders wurken wûnders út en dat mei gjin wûnder hite,' sei Pyt.

'Jim ha gelyk.'

Joub tocht, at Youmir dy Cohn útferkard hat, hat er miskien ek oaren útferkard. Youmir begûn al aardich op dy âlde goaden fan 'e goadeberch te lykjen. Mar hy bleau de iennichste god en op it plak dêr't er ferskynd wie, moest sa fluch mooglik in timpel boud wurde.

'Wy moatte der sels hinne te sjen,' wie Lurdt fan betinken.

'Doch net allegear?' frege Joub kjel.

'Nee,' sei Pyt. 'As wy allegear fuort binne, is hjir net ien mear om it spul wat troch it gat te sjen.'

'Lurdt en ik geane wol,' sei Lotsy.

It wie Joub en Pyt wol bêst. In lange ûnkomfortabele reis, gjin feesten mear, fier fan harren paleizen, dat lokke se net oan. Youmir soe it harren grif ferjaan dat se omkrollen foar dy ellinde. Se hienen al safolle foar him lit. Liet dy oare twa mar gean, as se woenen. Hy wiisde har noch wol op 'e gefaren, mar Lotsy en Lurdt wienen sa optein oer it weromkommen fan Youmir dat se amper taharken.

In deimannich letter wienen Lotsy en Lurdt in bytsje ta besef kaam. Se seagen yn dat in reis om utens in noedlike ûndernimming wie. In lyts legerke wie net in ferkeard idee. Wol spitich dat dat safolle jild koste. Hierlingen, bah. Gjine eargefoel hienen se. Sinten en nochris sinten, dêr gong it om by dat rosomos. Hienen se mar fiifhûndert jier letter libbe, dan hie der in feodaal stelsel west, mei tsjinstplichtige arbeiders.

Cohn hie him yntiid net stil holden. Oan wa't it mar hearre woe, beskreau er syn wûnderbaarlike moeting. En oan wa't it net hearre woe, ek. Dat wienen net folle minsken, want it jierrenlange wyndrinken hie Cohn in smoute tonge jûn. Hy bekearde hjir en dêr minsken en liet it fjoer dat by guon Youmir-oanhingers hast útdôve wie, wer oplôgje.

Hûnderten entûsjaste Youmirianen en in grut ferlet fan goedkeape soldaten partoerje treflik. In grutte kliber folk teach nei it paleis fan Joub.

De Regardy kamen te min ûnder de minsken dat se trochhienen wat der te rêden wie. Se tochten oan in oproer. Joub stapte mei knikkende knibbels op it balkon om de lju del te praten. Dat wie net nedich. De minsken rôpen fan 'Youmir boppe!' en 'Wy wolle mei op reis'. Joub wist net wat er hearde. Fergese soldaten, wat woed er noch mear. Dan koed er doch dat hynder keapje en by bontpantoffels mei dat gesichtsje fan goudene knoopkes derop. Hy krige it hast te krap. Dat hie de mannichte ûnder net yn 'e gaten. Dy sette fierder nei it folgjende paleis, Lurdt sines. De Regardy sprutsen harren soldaten ta om it religieus fjoer fierder op te poken. Dy't mei de Regardy nei it fiere lân gong, soe sûnder twivel in plakje yn Paisle krije. In eareplakje. De boer dy't oanskille om te freegjen hoefolle eareplakjes oft der einliks wienen yn Paisle, ferdwûn spoarleas. Dy man moest net fan dy lestige fragen stelle, dêr wie Youmir net mei tsjinne. De plysje koe it ek net folle skele wêr't er keard wie. Sûnt de dea fan de hegepreester wurke de plysje heeltyd mear yn it belang fan de Regardy. Se lieten har no ek chlebwije. Dêr stie net langer de deastraf op. De hegepreester soe baarne yn Haisle mei syn sanksjes, rôpen de Regardy. De plysjes leauden it. Youmir boppe! Stiltsjeswei waard al útmakke dat wa't Youmir net oanhong, mar leaver net op in baan by de plysje dwaan moest.

In groep betûfte plysjes hie de lieding krigen oer de ûnderskate ienheden fan it nije leger. Se wienen tige fanatyk. It gong de Regardy soms stoef genôch. Lurdt moest him der efkes tusken jaan, oars hienen se alle entûsjasme út de jonge soldaten turve. Dei en nacht waard oan de tarijeningen wurke. Lotsy wie oeral. It foarútsjoch fan de tocht folle syn ieren mei in hillich fjoer. Nerveus en fol goeie wil stoarte er him op allegear lytse projekten, dy't dan mislearren. Hy woe meihelpe mei it naaien fan de tinten en bedoar twa dagen naaiwurk. Hoe moest hy witte dat naden skuorre kinne? Doe rjochte er him op de organisatoaryske kant fan de ûndernimming. Hy liet pikeniers mei kattepûlen útrisse en koks mei kuorren fol stiennen. Lurdt wie handiger. Dy regele in werferdieling fan de spullen dy't Lotsy nei it ferkearde plak stjoerd hie. Foar mannichien wie Lurdt syn besieling en hommelse freonlikens in reden om him by it leger oan te sluten. Syn namme waard ûnferbreklik mei de tocht ferbûn. Al gau hie it folk it oer 'Lurdt syn reis' en de fiere bestimming - se wisten fansels net dat de bewenners har stêd Ulma Treikta neamden - waard koezjend Lurdtus neamd.

Pyt en Joub dienen ek mei. Dy hienen frijwat in skalk each op 'e kosten. Sa fergees as se earst tocht hienen, wienen de soldaten net. Se moesten ek iten en klean ha. Joub en Pyt kamen by de oare Regardy te seuren oft it allegear net in bytsje lytsskaliger koe. It antwurd wie nee. Foarhinne hienen dy beide Regardy dominearre, mar no naam Lurdt de leie oer. As Joub en Pyt sa'n soarch oer de sinteraasje hienen, dan moesten se mar in klekte ûnder it folk organisearje.

De minsken fan Ie joegen rij. Sels sûnder dat se derop ferge waarden, kamen in soad minsken mei jeften foar de soldaten oansetten. Froulju brochten offerdieren om Youmir te bewegen harren manlju en jonges ûnderweis te beskermjen. Youmir boppe!

Miskien hast by de skiednisles op skoalle de namme fan Mdeuz wolris heard. Mdeuz hie foarhinne timpelskilder west. Dat smiet net safolle op, dat doe hied er de preesterskoalle mar dien. It skilderjen siet him lykwols yn it bloed. De paleizen fan de Regardy hied er mei smaak beskildere. No hied er himsels de opdracht jûn en betink in logo, in byldmerk, in merkteken foar

de Lurdusgongers, eat dêr't se har mei identifisearje koenen. Prakkesearderich hong er boppe syn perkamint. Dat like wakker ynteressant, dan wie it krekt as koed er lêze. Hy skraste wat mei de pinne, mar de ynspiraasje woe net komme. As him in idee oantsjinne, fersmiet er it hurder as dat it kaam wie. Hy woe wat tekenje dat tagelyk ienfâldich en yndrukwekkend wie.

Mismoedich kaam Mdeuz oerein. Hy woe de feint skilje om in slokje. It hastige oereinkommen jage in kramming troch syn lea. Hy fielde de groede healtyd noch. Hy wie in eunuch, lykas de measte Regardy. Wacht ... koe dit ... koe dit in teken fan Youmir wêze?

In kertier letter wie it ûntwerp klear. Mdeuz tanke Youmir. Wêrtroch wie Youmir geastlike wurden en mids de Regardy terjochte kaam? Hoe wienen se mei him yn 'e kunde kaam? Dat kaam allegear troch dy mishanneling yn de skuorre fan Joddes syn heit. De krúswûnen hienen dat bewurke. Wat typearret in krús no better as in krús? En as dat krús no ek noch bestie út twa dwers oerinoar hinne pleatste buiskes, sa't eunuchen dy brûke om te pisjen, dan wie dat it ideale logo. Dat wie alteast de opfetting fan Mdeuz. De Lurdusgongers soenen har wapenje mei skylden dêr't twa krúste geitferstekkersbuiskes op stienen, in eareteken. Dêr soe it gelok wêze en it wapengekletter. Youmir boppe!

8.

De grutte dei wie oanbrutsen. Tûzenen minsken waarden troch nochris tûzenen minsken útswaaid. Manlju mei wapens, manlju mei skylden, manlju op hynders, froulju op weinen, it bûnte stoet wie it dy't dy deis it lân Ie ferliet. Oarnsje healwei de stoet rieden twa Regardy yn fol ornaat, manlju op jierren ûnderwilens. Se waarden beskerme troch in grutte groep lansiers. De hele stoet fierde geitferstekkersbuiskes op 'e skylden. De dielnimmers fielden har ropping, se wienen fol besieling, fol religieus fjoer. Se wisten dat se ûnderweis wienen nei in hillich plak, in plak dêr't Youmir ferskynd wie, de iennichste god. Wat se dêr dwaan moesten as se der wienen, wisten se net. Dêr tocht net ien oer nei. Der soe grif in fijân wêze dy't ferslein wurde moest, of in timpel dy't se bouwe moesten, en oars koenen se altyd yn oanbidding op 'e knibbels falle en Youmir loovje.

Cohn wie fansels mei om it paad te wizen. Al hoe't de Regardy besochten om him yn it skaad te stellen mei har grutte wurden, sjike klean en djoere hynders, it slagge harren net om it omtinken fan Cohn ôf te lieden. Goed beskerme troch in tropke lansiers ried de keapman oarnsje foar oan, grutsk rjochtop yn it seal. Hy wie de útferkarde, wa soe him wat. Hy fielde him al hast in Regardus. As it allegear goed betearde, en wie derfan oertsjûge dat dat sa wie, dan krige er ek in paleis en mocht er him in moaie titel oanmjitte. Dan soenen de minsken him ek oanbidde. Soldaten seagen him oergeunstich oan en dêrtroch glom er noch mear as allinnich fan it swit op syn keale plasse. Dit wie syn tocht, hy soe harren wol liede. Youmir wie mei him. Mei him. Ammenoera, mei him!

De stoet waard oan 'e grins fan Ie ta begelaat troch Youmir-oanhingers dy't út it hele lân tastreamd wienen. De heit en broer fan Joddes seagen it grânzgjend mar swijend oan. Yn elk doarp fergappen de ynwenners har oan de jentige helden mei de krúste geitferstekkersbuiskes yn it findel. Se soenen allegear útferkard wurde, dit wie in reis streekrjocht nei Paisle. Op it lêste stuit sleaten noch minsken har by de stoet oan. Joub en Pyt spiet it safolle as se hierren op 'e holle hienen dat se net meikaam wienen. Pyt wie

hast keal, mar likegoed hienen se tegearre noch genôch hier om moai wat spyt te fielen. Se stienen wat efterôf, twa âldeftige manlju mei drankliven, wylst Lotsy en Lurdt en al dat rosmos fan 'e strjitte earbewizen krigen as gong it om Youmir sels. Joub kraste op 'e kiezen. It wie in grut ûnrjocht.

'Wy ha Youmir kind, sy net,' brimde er foar de safolste kear.

'Wy ha ús earbewizen ek hân. En wy ha paleizen en jild en macht. Lit dy minsken no mar,' sei Pyt sunich. Him spiet it noch mear dat er net meigongen wie. Hy hie al wikenlang pine yn 't liif. Der wie yn him oan it feroarjen. Hy iet minder, dronk minder, feestte minder. Hy stalde him wat tebek, waard wat stiller. Foar it earst yn moannen tiid gong er wer by syn mem oan. Hy hie har frege om by him yn it paleis te wenjen, mar dat woe se net. Se bleau leaver yn har doarpke. Pyt syn heit wie der net mear. De minsken yn Ie begroeven harren deaden. Pyt kaam de lêste tiid faak by syn grêf. Der waard grute dat er it grêf fan Sjúk ek besocht hie, foar it earst.

Doe't de lêste Lurdtusgongers de stêd ferlitten hienen, draaide Joub him om nei Pyt om noch wat galle te spuien. Hy skrok. Pyt stie te gûlen.

'Pyt ...'

Joub skodde Pyt in pear kear goed trochinoar. Hy wie mei de sitewaasje oan. In gûlende man, in Regardus noch wol. Pyt wie de hurdste fan har allegear en no stied er foar it each fan 'e wrâld op 'e dyk te gûlen.

'Kom mei, Pyt,' sei Joub en hy luts him in glopke yn.

'Fertel my no ris wat der mis is. Do bist dysels net mear, man.'

Pyt wreau him yn 'e eagen.

'Wie dat mar sa,' seid er riedselich.

'Hin?'

Ynienen barste Pyt los.

'Sjochst dan net dat wy it allegear ferkeard dien ha? Sjochst it dan net, Joub?'

'Wat ha wy ferkeard dien,' stammere Joub ferwûndere.

'Wy ha it allegear foar ússels dien. Dit hie Youmir net wold. Wy wenje yn paleizen en wy witte net mear wat der bûten omgiet, Joub. Us pongen steane strak fan it jild en wy diele it net mei de minsken. Wy wolle allinnich mar mear. Wannear hasto foar it lêst ien bekeard, Joub?'

Joub stie as yn it gat beneile. It alderlêste dat er ferwachte hie, wie sa'n tirade.

'No, wannear?'

'Eh, wit ik it. Trije jier lyn, sokssawat.'

'Joub, sjoch. Lotsy en Lurdt ha it yntiids ynsjoen. Dy binne noch net ferlern. Sy wienen fuort entûsjast foar de reis, foar Youmir. Wy binne net mear entûsjast foar Youmir. Wy hingje efteroer. Wy hoege gjin eare mear te beheljen. Youmir hat ús Paisle al beloofd. Ik sis dy dat wy it net wurdich binne.'

Joub wist net hoe't er it hie. Wie dat no Pyt, de grutte Regardus, de man dy't altyd swetste oer syn tiid mei Youmir, de man dy't altyd in antwurd ree hie? Wie dat de man dy't dêr no tsjin de muorre stie te gûlen as in bern, yn in glopke? Hy wie gek wurden.

'Joub ...'

'Ja?'

'Binne wy better as de hegepreester doedestiids?'

'Pyt! Hoe ...'

'Joub, do bist miskien noch te rêden. Youmir sil my nea yn Paisle talitte. Dy kaaiferkeap, dat wie klearebare oplichterij.'

'Och, in hapskear. Kom op, Pyt.'

Pyt skodholle. It wie foarby. Hy hie himsels feroardiele. Hy woe himsels inkeld mar mear yn 'e hannen fan Youmir oerjaan om syn straf yn Haisle te ûndergean. Hy soe boetsje en dat wie terjochte.

'Ik ha Youmir ferret, Joub. Ik ha Him letterlik ferret. Ik ha Him leagene om myn eigen hachje te rêden. Dat kin ik mysels net ferjaan.'

Joub skuorde grutte eagen op. Wat wie der mei dy healewize? Pyt prate fierder, mear tsjin himsels en de muorre fan it glopke as tsjin Joub.

'Yn it begjin, doe't wy krekt oan it preekjen wienen, kamen der trije froulju yn tsjinst fan de hegepreester op my ôf. Ik hie doe krekt foar it folk yn in herberch sprutsen en, leau ik, ek wol wat yndruk makke. Ik dronk mei harren in glês. Doe kamen dy froulju. Se waarden folge troch in fint dy't ik koe. Hy wie in swiere jonge fan de hegerpreester. Ik tocht dat er by de froulju hearde. Doe't se my fregen oft ik de Youmirpreester wie, ûnstried ik dat yn alle toanaarden en makke it dat ik fuortkaam. De hele herberch lake my út. En dy fjouwer woenen har just bekeare. Ik ha Him ferret en dat kin ik mysels net ferjaan.'

'En no, Pyt?' frege Joub. Syn lûd wie heas, hoewol't Pyt it measte praat hie.

'Ik skink myn paleis oan it folk, Joub, en dan gean ik de grins oer. Yn oare lannen binne noch altyd in soad minsken te bekearen. Ik stel foar datsto itselde dochst.'

'Dat silst wol út 'e holle litte!'

Joub wie rare kjel. Pyt soe mei syn fratsen har hele libben yn ûnstjoer bringe. Wa soe de Regardy mear leauwe as Pyt syn plan útfierde? Dan stienen se allegear te kak.

'Ik mien it, Joub. Do kinst my net tsjinhâlde. Ik wol goedmeitsje wat ik kin. Youmir sil oardielje. Youmir boppe!'

'Bist allinnich wat wurch, Pyt. Kom mei nei myn paleis, dan ...'

'Ik gean nea wer in paleis yn. Dines net, mines net, gjin inkeld paleis. Wat ik krekt sjoen ha, wie foar my de drip. Eare falt op oare plakken te beheljen.'

Doe waard Joub lilik. Hy begûn te driigjen.

'Ferjit it mar, Pyt. Ik lit dy net gean. Ik stean it net ta, hearsto! Ik ferbid it dy! Ast net gau ophâldst mei dat ôfwaaide praat, dan sil ik dy der wol fan ôfbringe.'

Woest stoarre Joub him oan. Pyt besocht om by Joub lâns it glopke út te glûpen, mar dy postuere him folút tusken de muorren.

'Do kinst dêr min altyd stean bliuwe, Joub,' hime Pyt. 'Ast my tsjinhâlde wolst, dan silst my fermoardzje moatte.'

9.

Youmir hie der gjin aan fan wat der yn Ie te rêden wie. Cohn wie him al lang fergetten en hy hie net riede kind hoe't dy de moeting ynterpretearre hie. Swalkers lykas Youmir hienen soargen genôch. De winter stie foar de doar en der wie op 'e merken minder iten te krijen, dat de keaplju wienen wach op in hantsjegau sa as hy. Youmir strúnde al wikenlang kiezzich en roppich it plattelân ôf. Hy kaam ek op it plak dêr't er moannen lyn de keapman tsjinkaam wie. Dêr stie oarnsje in appelbeam. Fan en ta helle Youmir dêr in mieltsje appels. It wie al let yn it jier, mar miskien hied er in ferfaltsje en leinen der noch in pear oer de grûn. It waard in ôfdijer, der wie gjin appel mear te finen.

Brûkel joech Youmir de beam in skop. Om't er ek wat wetter kwyt moest, brûkte er de beam fuort mar praktysk. Dat sil him omstean leare, fûtere er.

Doe't er dien hie, sette Youmir it lân yn. In protte ytbere saken fûn er net. Der stie hjir en dêr noch wat op 'e ikkers, mar de boeren wienen like wach as it merkfolk. Sels swalkjende preesters koenen net ûnbestraft hofkesjonge. De pleatslike goaden en benammen de god fan 'e boeren, Graai, wienen dúdlik genôch. Dieven mocht men ûngenedich fan it lân kneppelje. De stedslju wienen mylder, mar dy hienen gjin bou.

Doe't de geitferstekkersbuiskereizgers yn it lân kamen dêr't er al sa lang wenne, libbe Youmir fan winterwoartels dy't er op in ûnbewekke fjildsje fûn hie. As de boer him net trapearre, koed er dêr in pear dagen op tarre. De fruchtbeammen droegen gjin fruchten mear. It wie winter wurden. Youmir wist wat dat ynhold. Hy soe de stêd foarearst net mear ferlitte. Ynkoarten kaam dat rare guod wer, dat kâlde wiete wite spul. Dan soenen alle beammen en ikkers ferdwine ûnder in izige laach dy't de lêste resten fan wat ytber wie, fermoardzje soe. Aldergeloks soe der dan yn 'e stêd út en troch iten oan de swalkers omparte wurde. Dat moest ek wol, tocht Youmir. As de boargers net in lyts bedrachje bestelden oan iten foar de swalkers, dan hie it alle aventoer dat se thús de spine leechplondere fûnen. Dy goederjouskens fan 'e stedsjers hied er op in pypfol. De minsken wienen hjir likemin hilligen as yn Ie. Allinnich wie it dêr winterdeis wat waarm. Alle jierren wer, as de kâlde tiid oanbruts, waard Youmir ûnwennich. Dit jier wie it slimmer as oars. Hy wie net mear ien fan 'e jongsten en it foarúsjoch om hjir oan ien fan dy grêften te stjerren, griisde him oan.

'Wat is dit foar nuer lân?' tocht Lotsy. Lurdt hie beskûl socht yn ien fan de weinen. It miggele no al dagen efterinoar. De Iesters wienen soks net wend. Lotsy frege him ôf hoe't minsken it útholden yn sa'n klimaat. Dat waard him dúdlik doe't de storein in pear oere letter ophold. Doe waard de skientme fan de flakten sichtber. De einleaze fjilden foarmen sa'n eachferblinend skouspul dat it Lotsy eefkes tefolle waard. Lurdt stie ek fol ferbazing om him hinne te sjen. Op ien heuvel oan 'e kjim nei wie der nearne hichteferskil te sjen. Soks wie ûnbegryplik.

'Dat sa'n lân bestean kin,' sei Lurdt súntsjes. Hy wie neist Lotsy stean gongen. Se wienen beide har búkje kwyt. De lange reis hie har yngeand feroare. Se eagen net mear sa âld. Dit wie in hillige reis, dêr wienen se beide wis fan. Neffens Cohn wienen se no net fier mear fan it plak dêr't Youmir ferskynd wie. Dit moest hillige grûn wêze. Se koenen it har foarstelle.

In man dikere mei de earm om 'e mul fan syn jongwyfke oer it gea. Mei in snok yn 'e kiel drukte se har tsjin him oan. Hy woe har in tút jaan. Syn lippen berikten it ankjende wankje lykwols net. Stadich draaide er de holle omheech. It wie stil om him hinne. Alle petearen wienen ferstomme. Teare wite stof soeide út de loft wei omleech. It snijde. De geitferstekkersbuiskereizgers wisten net hoe't se it hienen. Guon dûkten ferskrickt ûnder de weinen. Oaren stoarren mei iepen mûle foar har út. Se wienen tsjûge fan in wûnder!

'Wy ... binne yn 'e buert fan it hillige plak,' sei Lotsy.

'Youmir,' stammere Lurdt betiisd. In frou begûn te snokken, sa oandien wie se. Oare froulju folgen har nei. Oeral foelen minsken op 'e knibbels. Se begroeven de noazen yn 'e snie. Ienriedich klonk it 'Youmir boppe' troch de oanboazjende sniebui.

It duorre net lang oant alles wyt wie. Foar de minsken út Ie moest it sa likernôch Paisle west ha. Eangstich beruorren se de kâlde wite laach op 'e grûn. Sommigen gûlden. Oaren lieten as yn trâns heelyd wer nije sniebaltsjes yn 'e waarmte fan 'e hannen fuortteie. In soad minsken hienen kâlde fuotten en in gloeiend waarm hert, dat omtrint achtentachtich sloech. It koe net oars as se wienen op in hillich plak. Youmir wie net fier mear. Hy hie in teken jûn. Gjin oare god as Youmir. Youmir boppe!

Youmir wie op dat stuit yndied net fier fuort. In pear myl fierderop socht er foar it lêst om in woartel of sprútsjes, ear't er him foar de winter yn 'e stêd opslute liet. De snie wie net in noflikke ferrassing. It wite guod ferjage alle hope om noch wat ytbers te finen. Hy moest mar werom nei de stêd foardat alles wyt wie. Foar't je it wisten, wienen je dan it paad bjuster. As er pech hie, moest er de hele nacht yn dy ûnbidige wite flakten omdoarmje. En dat yn 'e kjeld. Wied er mar nea út Ie weigongen. It koe dêr nea slimmer wêze as hjirre.

'Goeie,' sei Youmir yn de taal fan it flakke lân. Underweis nei de stêd wied er in man tsjinkaam dy't wat ûnwennich yn it fjild omstapte. Oan 'e klean moest it ien wêze dy't al in skoft bûtendoar omdoarme hie. Miskien ek in swalker, tocht Youmir.

De frjemde tikke him tsjin 'e sliepen. Wat sei dy rare mûnts allegear? Hy ferstie der neat fan.

'Sikest ek wat te iten?'

'Eh, nim my net kwea ôf ...'

Youmir krige foar it begryp dat er in lânsman foar him hie. It like wol in ynvaazje. In pear moanne lyn dy dronken keapman en no dizze man wer. Youmir lake. It wie in ferrassing om syn memmetaal te hearren. Dat se him weromkinne soenen, kaam net by him op.

De man wie ien fan 'e geitferstekkersbuiskereizgers, dy't derop útstjoerd wie as ferkenner. Doe't Youmir syn fraach op 'e nij stelde yn de taal fan Ie en syn kape ôfnaam, gappe de oare nei de siken.

'Youmir.'

It himelsk wite lân en de hommelse ferskinning fan de iennichste god foarmen in skouspul dat sels lju mei sterke senuwen fan it hynder slaan soe. En dizze man hie net fan dy sterke senuwen. It wie in frij nerveuze skuonmakker, dy't folslein fan 't sintrum wie. Youmir wist net wat him oerkaam doe't de man begûn te ruteljen en te hymjen en mompeljend foar him op 'e knibbels foel. Ik naai út, tocht Youmir. Dy fint is gek. Hy draaide him om om fuort te rinnen, mar betocht doe hoe't er yn Ie oanbean waard. Goed besjoen wie de reaksje fan syn lânsman alheel net sa pitertuerlik.

'Hear, wy ha jo fûn. Jo binne weromkaam.'

Fûn? Hoe sa fûn? Youmir begreep it net. Soenen se him sykje? Nei al dy jierren? It wie fansels mooglik dat se al dy tiid al socht en him no earst fûn hienen. As dat wier wie, dan wie der miskien in kâns om werom te gean. Wat soe dat moai wêze, ammenoera. Hy moest goed neitinke. Hy wist net hoefolle minsken him sochten. In pear? Tsjientallen? Hûnderten? Hy soe se in doekje foar de eagen bine moatte. It wie lang lyn dat er de rol fan god spile hie. Hy moest der wer eefkes yn komme. Dizze kâns moest er waarnimme.

'Hoe machtich binne jim?'

'Seistûzen twahûndert ienentachtich, Hear,' sei de man oan Youmir syn fuotten yn de ûnderstelling dat de Hear it presys witte woe. Hy waard fuort bang dat it in toets wie. Wat as by syn ôfwêzichheid ien stoarn wie?

'Fan 'e moarn doe't ik fuortgong al, Hear. As it feroare is, wit ik dêr neat fan. Echt net, Hear. Echt net!' gûlde er.

'Doch gewoan, man,' tocht Youmir, mar dat seid er fansels net.

'It is goed, freon. Kom oerein en sis dyn kammeraten dat se wachtsje. Ik sil harren ynkoarten in besite bringe.'

De gûler syn mûle sakke iepen. De god hie him freon neamd. Hy wie útferkard, in freon fan de Hear. Fan Youmir, de iennichste god. Jubeljend sprong er op en draafde fuort. Doe't er him eefkes letter omdraaide, wat beskamme om't er sa ympulsyf reagearre hie, wie Youmir ferdwûn. Dy stie efter in beam te pisjen, mar dat wist er fansels net. Hy tocht dat de Youmir op in magyske godlike wize weiwurden wie.

Youmir moest de moeting likegoed ferwurkje. Seistûzen man nei him op 'e siik, dat wie net te leauwen. Wienen se yn Ie allegear gek wurden? It kaam wol goed út. En dan te betinken dat er, as it net snijd hie, al lang wer binnen de stedsmuorren west hie. Je soenen hast tinke dat de goaden der de hân yn hienen. Hawar, hy moest oefenje foar syn rol as god. Anst soed er it leger sykje. It koe net dreech wêze om dat te finen. Seistûzen man wie net in bytsje.

'De Hear hat ta my yn gelikenissen sprutsen,' stammere de nije útferkarde. 'Hy frege oft ik iten socht. En freon neamde er my, freon! Oft ik iten socht. Hy kin it sa wûndermoai sizze, ús Hear. Hy bedoelde fansels oft ik it wiere leauwe oanhong en gerjochtichheid socht, krekt as hy. Youmir boppe!'

'Hoe seach er derút?' woe in âlde frou mei in te tin jaske witte.

'Sa moai, beppe,' stammere de man. 'Sa moai.'

'Fertel, Thummimm,' rôp elkenien.

'It wie wyt, himelsk wyt. En deastil. En doe kaam in hillige man op my ta, yn in sljochtwei preesterkleed, mar sa goed, sa nommel, dat striede fan him ôf. Hy naam syn kape ôf en dêr stie ús Hear, mei in hagelwyt burd. En der wie in krânse om him hinne. En hy spruts ta my yn gelikenissen,' rattele Thummimm, fergulde mei alle belangstelling.

Lotsy en Lurdt wienen oandien. Sa moest it wêze. Dit wie suver leauwe, sa't Youmir dat woe. Net it húcheljen fan de Regardy yn har djoere paleizen. Harren Hear wie deunby. Se soenen om ferjouwing smeke. Har Hear wie werom. Youmir boppe!

It wachtsjen op Youmir foel elkenien swier. Dat hie ek mei de kjeld te krijen. De reizgers rûnen wat om of krûpten by in fjurke. Lurdt frege ien fan 'e jongkearels om hout te hakjen foar in grut fjoer. Dy sneupte wat om, oft der ek in beam wie dy't er omslaan koe. Der stienen wol in pear boeken en ikebeammen dy't him gaadlik taliken. Under de snie leinen wol prikken. En fierderop stie in grutte appelbeam. De jongfeint frege him ôf hoe't it mooglik wie dat de beam, dy't noch blêd droech, sa hommels fertoarre wie. Grif it wurk fan Youmir om de geitferstekkersbuiske reizgers fan branje te foarsjen. Youmir boppe!

10.

Youmir boppe! Jaja, mar foarearst wie elkenien senuweftich. Haljetrawalje ûntrommen de Regardy har tinte foar Youmir. Net ien wist oft goaden yn tinten slepten, mar it soe wol fetsoenlik wêze om Youmir de bêste tinte oan te bieden. De koks wienen gear oer in goademiel. Dat wie net ienfâldich. Kuolboksen en konservearmiddels bestiienen noch net, dat se hienen

allinnich mar guod by har dat duorje koe. Dat wie net altyd it lekkerste iten. De koks offeren nerveus in grut part fan de hurde koeken en it droege fruit. Oant de Regardy dêr in skoatteltsje foar strutsen. Goaden libje op itensluchten, dat is de kearn fan it offerjen. Se soenen Youmir noch oerfuorje en dan hied er aansen gjin skroei mear. Dat soe skande wêze, want se hienen hope dat se him mei in lekker miel myld stimme soenen.

Lotsy en Lurdt wienen it senuweftichst fan alle reizgers. Se hienen heel wat te ferantwurdzjen. Se wienen al útferkard, jierren lyn, mar hoe soe Youmir no op har reagearje? Soed er har ferjaan? Dy fraach tyspele harren aloan troch de holle. Har libben koe gjin sprekken lije, wylst harren Hear neffens Thummimm noch altyd syn âld, ienfâldich preesterkleed oan hie. Hy liet him net ferliede troch uterlik fertoan. Youmir wie de iennichste god. Hy wie goed. Hy wie foar gjin fjirtich paleizen te keap. Se skammen har djip. Fan har ropping wie net folle oerbleaun. Se wienen beswykt foar de leechste fan alle ferliedingen - jild. Lotsy en Lurdt hienen al besletten dat yn de nije printingen fan it Youmir-boek, in wichtige boarne fan ynkomsten foar de Regardy, in ernstige warskôging komme moest foar de ferliedingen fan it jild.

Lurdt frege him yn stilte ôf oft Youmir harren nei dizze stille oarde roppen hie om oer harren te oardieljen. Goaden kinne alles en wie net de earste kear dat in god de gedachten fan in minske sa stjoerde dat er in fiere reis ûndernaam. De Griken koenen der al ieuwenlang fan meirate. En wat hienen dy foar goaden? Sy hienen Youmir. It wie dus bêst mooglik. Yn alle gefal gongen se in dreech skoftsje temjitte. De Regardy hienen syn betrouwen beskamme. Wêrom wienen Joub en Pyt einliks net roppen? Dy wienen fierwei it slimst. Of mocht men sa net oer in meiminske tinke? It wie fansels ek mooglik dat Joub en Pyt net roppen wienen omdat dy te fier gongen wienen. Dy wienen net mear te rêden. Har beiden hie Youmir wol roppen. Miskien woed er har noch in kâns jaan. Se soenen alles dwaan om út it gleone Haisle te bliuwen. Se soenen har fan har beroufolste kant sjen litte. Youmir boppe!

Fan binnen nerveus, fan bûten ien en al alwittendheid kaam Youmir op it kamp ôf. De reek fan de kampfjurren hie him it paad wiisd. No moest it dan mar heve. Hy tocht dat er allinnich in kâns hie as er minder senuweftich wie as de reizgers. Youmir hie te min weet fan de kultus om te begripen hoe sterk oft er stie. Net ien soe it bestean om syn wurden net serieuus te nimmen. De kultus wie foar tefolle minsken in libbenswize wurden. Net allinnich de Regardy, mar ek tûzenen preester en oare notabelen, sels de foarst, hienen har namme oan him ferbûn. Gâns lju koenen har berop allinnich mar útoefenje trochdat der safolle Youmir-oanhingers wienen. Wa soe nei in twivelder harkje wolle? Dat soe Youmir nea helendal trochkrije. Kinsto dy der in foarstelling fan meitsje dat der oarnsje in kultus om dyn persoan hinne is, sa djip yn 'e maatskippij bewoartele dat elke oantaasting derfan de libbensgewoanten fan tûzenen en tûzenen minsken út de foegen skuorre soe? Dat se dy as de iennichste god sjogge? Dat der gjin tel foarby giet of ien ropt dyn namme en dan 'boppe' derefteroan? Dreech om dy foar te stellen, of net? Dat gou ek foar Youmir. Dy soe de krechte omfang fan de Youmir-kultus ek nea helendal befetsje kinne. Earme Youmir.

Fan dy tûzenen en tûzenen minsken foel in grut part no op 'e knibbels foar harren Hear. Youmir wie kaam. Se wienen allegear útferkard. Youmir fielde him der net noflik ûnder. Hy begûn deroan te twiveljen oft er wis wol nei Ie werom woe. Dy lju hienen wat grizelichs, wat besetens. Lotsy en

Lurdt hienen neat mear fan de ynklauwerige oelewappers dy't se yn Youmir syn oantinken foarhinne wienen, al koenen se harsels wol in ropping te binnen bringe.

'Hear!'

'Hear!'

'Youmir!'

'Master!'

Fol oanbidding smieten minsken har foar Youmir yn 'e snie. Hy hold it amper op fuotten. Sa'n mannichte woed er net tsjin him ha.

'Hear!' rôp Lotsy.

'Hear!' rôp Lurdt.

'Hear!' rôp Cohn.

'Hear!' rôp in oar.

Hear. Wat in titel foar in eunuch, tocht Youmir. It liket hast iroanysk. Hy moest dy ûnsin mar wat delbêdzje.

'Dappere geitferstekkersbuiskeizegers!'

De kliber foel stil. Youmir stuts de earms dramatysk yn 'e loft, dat yn syn tiid noch war orizjineels wie, en spruts de mannichte ta. Dat wie net maklik. Der wienen mear seistûzen man dy't him allegear oanreitsje woenen. In pear kear moest Youmir in tsjelreawige oanbidder dy't him op 'e teannen trape, fuorttriuwe. By einsluten gong er midden yn in grutte itensiederspôt stean. Dat wie Syn domein. Hy yn 'e pô, de rest derbûten. Doe spruts er de kliber fannijs ta. En se fregen him wêr't se wienen. En hy spruts fan de foarpost fan Paisle en Haisle, him bewust fan de yndruk dy't de sniefal makke hie. En se fregen him wêrom't er har roppen hie. En hy hie op dy fraach rekkene en spruts ta harren yn gelikenissen.

'Der wie ris in kikkert en dy hie twa kielpûden ...'

Youmir wie net in dierkundige. In kikkert hat mar ien kielpûde. Miskien fertiisde er dat mei de twa wangpûden fan in hamster. Of miskien wied er gewoan slim senuweftich. En oars wie it gewoan in ûnsinferhaaltsje, dat kin ek.

'Der wie ris in kikkert en dy hie twa kielpûden. Yn elke kielpûde hied er fjouwer neven. En de neven rôpen: 'lit ús doch gean', mar de kikkert sei: 'mar ik ha honger' en wylst er dat sei, koed er mei de tonge mar ien kielpûde tichthâlde en út de oare kielpûde fleagen de neven fluch fuort. Sa hienen fjouwer neven har opoffere om fjouwer oare neven te rêden. Krekt sa haw ik my foar jim opoffere.'

Dat sloech fansels nearne op, mar elkenien bearde as begreep er it en de minsken wienen fan betinken dat Youmir wize wurden sein hie. En se gongen oan 'e tafel en ieten. En se ieten om't Youmir honger hie. En hy iet. En sy ek. Mar hy in soad. En sy in bytsje. En Youmir seach dat en dielde syn bôle mei harren. En dy't wat krige, fiede him grutsk en pachte tsjin de oaren dat er fan Youmir syn miel dield hie. Dy ferhalen waarden yn it absurde opblaasd oant der genôch iten ferjûn wêze moest om fiiftûzen minsken te fieden en noch oer te hâlden. Sa binne de minsken. Youmir boppe!

Lurdt hie yn it gebed wei west. Hy wachte op it weromkommen fan syn Hear. En ynienen stie dy dêr. De wûnderlik wite romte, sa kâld en sa ôfgrysliek moai, foarme in folslein geheel mei it stal yn de snie. In stal yn in earmoedich preesterkleed kaam stadich neieroan, stypjend op in lange stôk. De kape ferbuch syn antlit, der wie allinnich in stikje burd te sjen. De snie om him hinne like op te ljochtsjen. En it stal spruts ta harren.

Doe't Youmir de kape ôfnaam en syn wetterholle foar it ljocht kaam, naam dat wol wat de wijde sfear wei, mar de skare luts him dêr neat fan oan. Youmir wie werom. Se hienen tûzenen fragen. Mar boppe-al, sy wienen útferkard! Lurdt fielde him foar it earst yn jierren wer lokkich en Lotsy wist ek dat er dat gefoel fan gelok al heel lang mist hie. No soe alles better wurde. Youmir wie werom.

Youmir fertelde harren fan de goadeberch. Hy wiisde op it heuveltsje om fierrens, dat yn it flakke lân yndied folle heger like as it yn werklikheid wie. En elkenien wie ûnder de yndruk. Hy fertelde fan Paisle en beskreau harren de stêd Ulma Treikta. En sy woenen Paisle sjen.

'Moarn,' sei Youmir en dêr hied er fuort spyt fan. No ja, tocht er. Dêr is doch net ien dy't dy lju hjirre ferstiet.

Youmir joech de kliber de garânsje dat se allegear útferkard wienen. Doch koe net elkenien Paisle no al yngean. Hy hie Syn reden. Allinnich de Regardy en noch twa oare útferkarden, dy't der net te tûk útseagen, mochten mei. En se ferwûnderen har. En se fregen nei de grêften. En se fregen nei de taal.

'De taal fan Paisle,' sei Youmir allinnich mar, krekt as wie dat in ferklearring.

'Mar Hear, ik sjoch nearne kunde. En elkenien is hjir sa wyt.'

'Dy't hjir komt, wurdt diel fan Paisle. Elkenien krijt in ferheven, himelske kleur.'

Himelsk wie de stêd yn harren eagen wol. De wite skôging fan de ynweners, de snie en de reade huzen joegen alles in bysûnder oansjen. Elkenien dy't noch twivel hân hie, wie der no wis fan dat Paisle bestie.

'Ast hjir komst,' fantasearre Youmir fierder, 'bist it ferline fergetten. De minsken kinne inoar net mear en alles begjint op 'e nij, yn godlike loksilligens.'

Youmir trof it dat in fjochtpartij him twa strjitten fierderop ôfspile en net yn it sicht fan de reizgers. Der binne fan dy dingen dy't in goeie fantasij yn 'e bulten jeie kinne. Doch wie it gelok mei Youmir.

'Dat is bygelyks Mouryak,' sei Youmir en hy wiisde op in grouwe man mei in bontmûtse op, dy't rydboskjend troch de kwalster peazge. De man hie gjin each foar de frjemden en dat bewiisde de wierheid fan Youmir syn útspraak. De besikers seagen har de eagen út. Sy wienen foar 't neist de earsten en de lêsten dy't Paisle by libben seagen. Sy wienen de útferkarden ûnder de útferkarden en as sadanich net heel kritysk. Youmir syn betinksels oer fiere tunen dêr't de sinne altyd skynde, leauden se sûnder om bewiis te freegjen. It gelok wie mei Youmir.

11.

Youmir gong mei werom nei Ie. De weromreis ûnder lieding fan de no tige selsbewuste Cohn ferrûn flot en sûnder swierrichheden. Der wie fansels in soad feroare yn Ie, de âlde timpels wienen foar it grut part fuort of feroare yn Youmir-timpels, en fansels stienen der no dy grutte paleizen fan de Regardy. Likegoed wie Youmir bliid dat er wer thús wie. De lucht yn Ie wie doch oars as yn dat fiere lân, fertrouder. Hy kuiere stil glimkjend troch de strjitten, oant er murk dat froulju fan harsels foelen as er nei har seach, en dat manlju har noazen yn 'e moude begroeven as er lânrûn. It makke Youmir nerveus. Mocht der ek mar in greveltsje bewiis foar wêze dat it folk oan syn godlike status begûn te twiveljen, dan moast er as 'e wearlich sjen dat er fuortkaam.

'Leuwe jim wier dat ik de iennichste god bin?' frege er de Regardy heeltyd op 'e nij.

'Ja, Hear,' seinen dy dan, like nerveus as Youmir sels. Se tochten dat Er har op 'e proef stelde fanwegen har liderlik libben. Joub trille alle kearen as er Youmir seach. Nei de moard op Pyt koed er neat mear ha. Dy wie al lang begroeven. Joub hie de skuld op de strjitbern skood. Dan hied er fuort in ekskús om dy groep oan te pakken. Se hienen him al lang hindere mei har brutaal praat en bûsehifkerij. Dêr mocht er net oer. Hy wie wakker op it skik mei syn tûke oanpak. Earst doe't Youmir yn Ie oankaam, waard er bang. Youmir soe it witte. Youmir soe him straffe. Dêrom krûpte er no foar Youmir, die alles foar him, wosk him sels de fuotten. Hy doarst him net oan te sjen. Youmir wist it, dat seach er oan Him. Hy hie in straf foar him yn it fet. De eangst foar in ivichheid swalkjen nei de brânstraf yn Haisle makke Joub omtrint gek. De Hear moest him ferjaan. It moest. It moest. Mar it barde net. In pear minuten foardat Joub lang om let de moed fûn om Youmir alles op te bychtsjen, foel der wat foar dat dit ferhaal in ûnferwachte ein jaan sil en Joub foar altyd syn hope op ferjouwing ûntnaam. It gelok is net altyd mei de dommen. Youmir boppe!

Youmir siet yn in keamer fan Joub syn paleis dy't spesjaal foar him ynrojochte wie. Syn nerveus omstinnen waard net better. Hy beprakkesearre wat der allegear bard wie nei't er Ulma Treikta ferlitten hie. As in echte god wienen se mei him omgongen. De minsken trillen as se him seagen. Se wienen bang fan him. Wat ea as in grapke begûn wie, it skriuwen fan 'Ik' en 'My' mei haadletters, waard no yn alle earnest troch elkenien dy't skriuwe koe, dien. Elkenien woe him oanreitsje. It hele folk leude nota bene dat er út de dea opstien wie. Dat er fia dy hannelsreizger, dy't no Pyt syn plak ûnder de Regardy ynnaam hie, in leger roppen hie om him út Paisle te begelieden. De minsken fan Ie tochten no noch mear as foarhinne dat harren lân útferkard wie. It lân dêr't Youmir, de iennichste god, berne wie en dêr't Er nei Syn dea weromkaam wie. It libben hat nuvere útfallen, tocht Youmir.

'A goeie, Youmir, soan fan in túnslang!'

Youmir skrille op út syn prakkesaasjes en draaide him om. Yn 'e doar stie in man. Youmir tocht dat er him alris earder sjoen hie. Yn 'e geitferstekkersbuiskereizgersskare miskien.

'Wa ...'

'Ysky,' sei de man.

'Ys wat?' frege Youmir ferbaasd.

'Ysky,' efterhelle de man yn it doarsgat.

'Wel, Ysky, jo binne mis. Ik bin de soan fan de iennichste god.'

'Kul!' sei de man rûch. 'Ik wit krekt wa'tsto bist. Do bist de soan fan de túnslang.'

Youmir begûn bang te wurden.

'Do kinst my net, hin?'

'Eh ...,' stammere Youmir.

'Do hast as bern by myn broer yn 'e klas sitten. By Joddes.'

Youmir hie it gefoel as krige er in klap yn it gesicht. Joddes! Oan dy jonge hied er al syn lijen te witen. Hy hate dy namme. Dit koe net wier wêze.

'En myn tante Misjah kinst miskien ek wol?'

Youmir hie yn alle earlikheid sizze kind dat er neat fan in Misjah wist, mar soks docht in god uteraard net.

'Ah, do witst der dus yndied fan,' rôp de man triomfantlik. Hy kaam út de doar wei.

'Ik hie hope datst dêr neat fan ôfwitte soest. En Gwin, dy kinst ek wol, tink?'

Youmir wifke wer.

'Sjoch,' sei de broer fan Joddes, wylst er op Youmir ôfkaam. 'Ik ha dyn aventoeren doedestiids sa'n bytsje folge. En ik ha my deroer fernuvere hoe maklik oftsto minsken wat wiismeitsje koest. Dat is dy sa goed slagge dat it hele lân klear stiet om dyn fuotten te tútsjen. Mar ik net.'

Mei in razende skreau luts de ûnbekende broer en muoikesizzer in mes, stoarte him op de ûnfertúnlike god en stuts him dea.

Joub sjoelfuottele mei swiere skuon nei Youmir syn keamer om te bychtsjen. Ysky fleach hast tsjin him op. Yn it besef dat der wat net doocht as in frjemde man mei in bluodderich mes yn 'e hân troch jins hûs draaft, rôp er syn feinten ta dat se de man gripe moesten. Mei in raar foargefoel stapte er de keamer fan Youmir yn.

Joub wist noch dat Youmir al syn oanhingers beloofd hie om Paisle oant yn Ie út te wreidzjen, dat elk yn 'e silligens fan dat moaie ryk diele koe. Of faaks hie Joub dat sels betocht, wa sil it sizze. Yn alle gefal waard de oare deis bekendmakke dat Youmir weromgongen wie nei de goadeberch. Hy soe lykwols gau werkomme om syn belofte nei te kommen. Sûnt ha de Youmir-oanhingers wachte. Se wachten dagen, wiken, moannen en jierren. Se wachten sels noch folle langer. Se wachten sa lang dat der generaasjes berne waarden en wer stoaren. Se wachten oant se op it lêst begrepen dat har oerpakes en oerbeppes te fiter naam wienen. Youmir kaam net werom. En doe bekearden de minsken har ta it wiere leauwe. Fuort mei dy Youmir. Loovje de Hear!